

It

R. R. van der Leest

moai-

ste

fam-

ke

fan

Ant-

arc-

tica



It moaiste famke fan Antarctica

*Dizze útjefte is mei mooglik makke troch:
Boersma-Adema Stichting, Feitsma Fûûns fwar it Frysk,
P.W. Janssen's Friesche Stichting, Douwe Kalma Stifting,
Nederlands Letterenfonds, Provinsje Fryslân,
Wendelaar Bonga Stichting*

It moaiste famke fan Antarctica

© 2017 Stichting Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert/
Reinder R. van der Leest, Haren (NB)

Foarmjouwing: Jurgen Jasper, Wychen
Printwurk: CSL, Ljouwert

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in automatisearde gegevensbestân en/of iepenbier makke troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij Frysk en Frij, Vredeman de Vriesstrjitte 59, 8921 BS Ljouwert.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any other means, without written permission from the publisher.

nur 301
isbn 978-90-8566-050-7

www.frysk-en-frij.nl

Nacht en ûnwaar. Stjalprein tromslacht op glês. Dakpannen klapper-
toskje. De wyn lillepypket troch in siichgat.

De man rydbosket. Hy knipt it lampke yn 'e dop fan syn ballpen oan.
In skerpe tinne striel snijt troch it lokaal. Hy set daliks op de tafel ta.
It blêd leit in rubberen ûnderlizzer oer. Dêrop in brún plastic bakje.
Dêryn in pear potleaden, wat paperclips en in dropke.

Hy rjochtet syn sykljocht heger. Op in houten rakje in rige dikke
boeken. It skynsel streket oer de titels. Taal-, lê-, rekkenmetoades,
in atlas, in stikmannich multymappen. En 'Alleen op de Wereld'
fan Hector Malot. Dêrneist in kalinderblok, al iepen op de nije
wike. Op 'e hoeke fan de tafel in punteliper. In bytsje slypsel, fyn as
saachmoal, derûnder.

It ljocht glydt by in poat del, falt op in kaai. De man knibbelt. Hy
wriiwt tomme en wiisfinger fan syn rjochterwant tsjininoar. Hy
draait de kaai, mar fielt gjin wjerstân. Hy stekt de balpen tusken de
tosken. Hoeden lûkt er mei beide hannen it laad iepen. Hy hoecht
der net yn om te heisterjen, alles leit teplak.

In doaske mei sparsegels, in nytsjetange en in perforator, elastykjes,
kleurkryt, oprôle toutsjes, molkkaarten en trije poezyalbums. Dêr
hat er gjin belang by. It ûnderste laad hat net in slot. De ynhâld leit
der allike kreas by. Inkeld paperassen. Mar dy kinne om him stellen
wurde. Hy skoot it laad ticht en komt oerein.

Syn gesicht is dweiltrochwiet. It stribbige hier ek. Net fan de rein, fan
swit. Drippen gliere tusken syn piperen-sâltkleurich stoppelburd. Hy
hat him skeard mei de skerpe kant fan in wollen tekken. Stikelhier-
rige wynbrauwen stekke him as fielers út 'e foarholle. Dêrûnder in
pear djippe gatten. Op 'e boaiem slûchslimme eagen mei in hurde
metaalglâns. Speurend nei de proai dy't er siket. Tusken gearparse
bloedleaze lippen in kerf,

Kaak Harington en Ros Drinkwater

rjocht as in mes.

In senuwtrek lûkt him troch it iene wang, hy jout hyltied heale knyp-eachjes.

In skouderjas fan donkerblauwe gabardine hat er oan. De kape is delsein. Syn fuotten stekke yn breidenwollen sokken en de skonken yn in broek fan oaljeguod. Ut de jaspunten falt in string drippen oer de flier.

Hy taast by it boerd lâns. In stielen argyfkast. Dy hat twa doarren mei fjouwerkante laden derboppe. Hy pakt in hânsel beet. It laad skoot te maklik iepen. Hy kin it noch krekt tsjinkeare foar't it deldondert. Foarsichtich triuwt er it werom yn de gliders. Hy lit syn lampke nei ûnderen skine en ljochtet de hele kast troch.

Ynienen rinkelt in telefoan. Syn hannen sjitte omheech.

In flits fljocht by de muorre op, dûnset oer it plafond. De telefoan rinkelt nochris. Sa tichtby, dat er it neilûd fan de skelle hearre kin.

Yn panyk klaut er om him hinne. As it rinkeljen wer begjint, stompe syn fingers tsjin wat kâlds en glêds. Hy taast ta, mar it ûntslûpt him en sliert fuort. Yn it gat beneile wachtet er de bûns ôf. Dy komt net. Triljend fladdert it pinneljocht troch it lokaal. It strykt oer in swarte tried, giselt by de winings del. Oan de telefoanhoarn bliuwt it hingjen. Dy bongelt in sintimeter boppe de flier. De man is sa spand, dat er mar ien ding fernimt. It eigen

Henk-Jan-Willem van Pompom

sykheljen net en ek net it fluitsjen fan 'e stoarm. Al dúdlik wat oars. In swiere luie stim. 'Jacoby dêr?'

De man docht ien stap, foarsichtich, sûnder lûd. Dêr sjit syn hân út,

hy grypt de hoarn as wol er dy fyn knipe. Syn hymjen rûzet yn 'e skreven dêr't er troch prate moat. Hy kucht.

'Jacoby? Is dat Joris Jacoby?' freget de swiere stim wat minder lui.

'Jawis,' byt er flústerjend werom.

Stillens. In stillens om te snijen. Dan seit de stim: 'Dit is Motz Antares. Sorry dat ik skilje. Wurdt it noch wat? Of sille wy aanst mar even delkomme?'

'Jawis.'

'Wat betsjut dat?'

'Is jawis it ienichste wurd Frysk datst kenst?'

'Ik bin in Drint.'

De stim kâldlaket. It gnizen fan ien dy't wit, dat er de oare yn 'e skjirre hat.

'Wat wolste?' flústert de man.

De stim komt wer, net sa bedaard as earst. In befol ûngeduld ûntploft yn syn ear. 'Harkje, Jacoby! It ultimatum rint om twa oere tritich ôf. Dizze reis gjin útstel. Memelte 14, by de trijesprong. Kinst it noch helje.'

'Flean hinne!' spat de man ynienen op.

'Goed, dan komme wy inoar wol temjitte.'

'Soademiterje op!'

No brânt de stim deryn. 'Harkje, lulbalke! Kinst gjin kant út! Wy wachtsje noch in kertier! Oant sjen op ús drompel! Hjir en daliks!' Oan de oare kant fan de line wurdt ophinge. De man docht it net. Hy stoarret mei in ûnleauwich gesicht yn de tsjusterens. Krekt oft dêr in ferklearring fan syn dwaan en litten te lêzen stiet. It stiet der mis-kien ek wol, mar hy kin der net by. Starichoan fersloppet syn greep, sûnder benul leit er de hoarn op 'e heak.

Hy giet werom. De doar hoecht er net ticht te dwaan. Dy stie al helen-dal iepen doe't er kaam. Oan 'e kapstok hinget itselde jaske

Geertrui Hooiopper

oan deselde heak. Der is neat feroare. Alles hat fergees west. Hy is midden yn 'e gong as it halljocht oanfloept. Hy springt fansiden en glûpt achter in doar. TL-buizen flikkerje. It wimert him foar de eagen. Even is it folslein tsjuster. Dan tinkelt it glês en de lampen brâne regelmjittich.

In famke komt op him ta. In âlderwets bleek bern mei kastanjebrune pipekrollen. Se hat grutte ljochtblauwe poppe-eagen mei swarte wimpers. Har noas en wangen binne donkere spikkeltsjes oer struid. It gesicht is krytwyt fan de toiletpoeier.

Se hâldt mei ien hân in badhandoek ticht. Se hat oars net in soad byinoar te hâlden. Har lea binne spjochtich. Boppe de doek stekke smelle, in bytsje rûne, skouders út. De skonken binne tin, rjocht-op-en-del as tromstokken. Se hat reade rubberen slippers oan. In bosk kaaien rinkelt oan har frije hân.

Se rint stryklings by him lâns. In swymke parfum suchtet har nei. Se stapt it lokaal yn en knipt dêr it ljocht oan. Troch it kier fan 'e doar kin er har folgje. Se stekt tusken de stuollen en taffeltsjes troch nei in kast yn 'e fierste hoeke. Dy sit wol op slot. Se siket in kaaï út en iepent dêrmei de doar. Se bûcht har foardel. In spits kninekontsje stekt út de badhandoek.

De kast stiet waachwiid iepen en sit fol gymnastykspullen. Hy sjocht touwen en linten, in net mei tennisballen, in wite en in reade kuorbalkoer, slachbalkneppels, izeren standers, in matte en stokken. Boppe-yn, op in planke, learen ballen. Alles sa oersichtlik oardere as it ark yn in nije ridskipsbak.

It famke rommelt ûnderyn. Se komt oerein mei in spûns dy't yn sellofaan ferpakt is. De kast docht se op slot. Se stekt wer skean troch it lokaal. By de papierbak stiet se stil. Se roppet it sellofaan ôf, wylst se

mei ien earm de hândoek tsjin it liif triuwt. Se makket in prop fan it papier, it knistert har tusken de fingers.

As se de prop falle lit, sjocht se wetterdrippen oer de flier. Se eaget omheech nei it plafond. Se fielt oan har badhandoek, knypt deryn, skodhollet. Mei de punt fan in slipper lûkt se in wetterspoar

Miz en professor Heeregott

út in plaske wei. Se byt op 'e ûnderlippe, rint nei de ferwaarmings-
buizen. Se giet de blommen yn it finsterbank bylâns. Se sjocht yn it
drinkbakje fan de skylpod. Dan hellet se de skouders op en knipt de
klasselampen út.

De man hat ûnderwilens de rjochterwant útstruopt. Hy rjochtet de
hân, spant de spieren. As it famke him trije stappen foarby is, komt
er achter de doar wei. Wer trije stappen en hy is by har. Mei de hurde
sydkant fan de hân jout er har in feeche achter it ear. De slach is koart
en sekuer.

Se sil de spat deryn sette, mar komt net fier. Noch trije stappen en de
skonken kinne har net mear hâlde. De iene foet stapt krúslings foar
de oare lâns, swikket, de skonk glydt ûnder har wei. Even bliuwt se
skean hingjen. Se lit de badhandoek los, spriedt de earms, de kaaien
saaie oer de flier. Dan makket se in heale draai en klapt foardel. Mei
de holle nei him ta bliuwt se lizzen.

De man giet yn 'e hoksen sitten, bûcht him oer har hinne. It koarke-
trekkershier bedekt har gesicht, se beweecht net. Hy strûpt de want
oan, pakt de kaaien en fljocht nei de kast. By it ljocht dat troch de
gongruten fâlt, sneupt er yn in doaze om dêr't noch mear spûnzen
yn lizze. En boerdwiskers by de rûs. Tusken de pakjes hânsjippe en
wc-rôlen fynt er ek neat.

It fjoer yn syn eagen dovet, bangens friest deryn fêst. Hy huvert.

Syn knypeagjen begjint wer. Hy slút de kast ôf, docht de haldoar op it nachtslot en leit de kaaïen op it plak, dêr't it famke dy fallen litten hie. De lampen knipt er út. Hy doar syn pinneljochtsje net mear te brûken en waret troch de gong.

Mei de dievekaaï makket er de achterdoar los. Hy moat der mei de hele hûd op falle om dy tsjin it geweld fan de stoarm yn iepen te krijen. Batsen wetter slaan him yn it gesicht.

Motz Antares

De kruk ûntslúpt him hast as er de doar tichtblaze lit. Hy draait de kaaï. Hy kin himsels al daliks útwringe, mar dêr hat er gjin tiid foar. Net iens om syn kape ticht te knoopjen.

Hoasfuotlings waait er ûnder it ôfdakje wei en wadet troch it slyk.

Mei beide hannen siket er steun tsjin de muorre. Hy moat werom nei syn klompen. Dy steane net mear op it âlde plak, se binne ôfdreaun. Hy fielt mei de teannen, as in badgast dy't de temperatuer fan it wetter net fertrout. Mar hy wit al hoe kâld it is. It sousket him oan de knibbels ta, as er einlings de klompen beteantet. Hy stekt de fuotten deryn.

No binne syn eagen wat ta de tsjusternis wend. Hy stekt in stik fan it skoalplein oer. Dêr hat er gjin beskûl, mar oer tegels giet it hurder as troch drek. Hy skoot achter it fytsehok lâns, sjocht in pear platen hurdboard stean. Troch it oanhâldende reinen is it sêftboard wurden. Hy peazget oer in slingerpaad, dat lykop mei de dyk rint.

De man is it doarp al út, as autoljochten tusken de beammen priemje. Se swaaie op him ta. Foar't de fûle lampen him fange, dûkt er him en springt yn 'e ûnderwâl. Plat op it liif leit er tusken stikelige strewellen. De skynwerpers boarje troch it reingerdyn, dat glinsterjend teraffelt.

It ljocht snijt oer him hinne sûnder him te reitsjen. In gjalp modderwetter mist him net. It spuitet him by de hals yn en klotst tusken de klean, wylst er himsels út it leechhout lûkt. Hy klaut by de wâl op. De achterljochten fan de auto binne read, mar dat betsjut gjin gefaar. Se belytsje fan in spikerkop ta neat.

De man strûst fierder. In iensume lantearne glimket tryst troch de nacht, as in wurge showman nei in lege seal.

Elke oerienkomst mei net-besteande persoanen is tafallich.

Dynte Planteit

en

Nier Hinnebruier

yn

It moaiste famke fan Antarctica

fan

R. R. van der Leest

ÚTJOUWERIJ
FRYSK EN FRIJ
Ljouwert
2017

‘It wurdt hurd tiid dat wy net mear links tinke en rjochts libje,’ seit Dynte.

‘Lit ús it dan mar oarsom prebearje,’ stelt Nier út.

‘Witst bêst wat ik bedoel. Wy binne fierstente eigenikkich. Wy moatte ús oan de mienskip jaan. Dat is it.’

Nier komt oerein. ‘Dochsto ommers al lang.’

‘Mar do helendal net!’

Dynte suchtet. ‘Ik jou betelle leafde oan oaren. Mar hoefolle meitsje ik gelokkich? In inkele elitêrenien. En foar hoe lang? In healoere, in pear dagen op syn heechst. It binne rike stjonkerts boppedat.

‘Sille wy ruilje?’

Se skodhollet yn gedachten wei. ‘Jild is net wichtich. It giet om de meiminske.’

‘Genôch hân?’ freget Nier.

Se knikt.

Hy bringt it doaske molke, it blikje tsiis en de tube bûter werom nei de koelkast. It fetsje bôle set er op it oanrjocht. Dy healwize ferpakkingen fan tsjintwurdich. Hy skeukt tsjin in richel. Hy gappet lûd en klaut him mei de tomme oer de rêch. Se hawwe har fan ‘e moarn wer grandioas ferslept.

Hy sjocht nei ien fan Dynte har probleemlease boarsten, dy’t heal út har nachthimdsje kipet. Net al te lyts, stevich en rûn. Mar it measte fassinaret him de romte tusken ien fan de boarsten en it skouderbantsje. Mei har sykheljen feroaret dy justjes fan foarm en grutte.

Dêr begjint se wer. ‘Eins is it misdiedich wat wy dogge. Wy bemuoie ús allinnich mei de mienskip om der oan te fertsjinjen. Wy soene in optimaal relaasjepatroan sûnder winstdoel kreëarje moatte.’

‘Wat praatsto raar.’

‘Ik praat altyd raar asto net harkje wolst.’

Nier giet rjocht tsjin har oer sitten. Hy leit de earmtakken op ‘e tafel

en nimt de hannen gear.

‘Sis mar watst op ‘e lever hast.’

Tankber sjocht se har bychtfaar oan. Har mûlshoeken krolje op. Se lûkt in kranteknipsel út har slipke. Se teart it iepen, strykt it glêd en skoot it oer de tafel nei him ta.

Hy pakt it noch net. Hy leit syn hân op harres.

‘Ik ken dy sa njonkenlytsen op in prik, no?’ seit er.

‘Ik bin in iepen boek foar dy,’ stimt se him mei.

‘Mar ik wist net datsto de krante liest.’

‘Fan begjin ta ein. Behalven it waarberjocht en de strips dysto derút pikst. Kom, lêd dit no.’ De mûle stiet har noch altyd op tsien foar twaen.

Nier begjint oan syn ferplichte lektuer.

‘Wat seist derfan?’

Hy sjocht har oan. ‘Wêrfan?’

Klets! Kriget er in wiete oanrjochtdoek yn ’t gesicht. Hy skylt de lape foar de eagen wei. By Dynte is it ûnderwilens tweintich foar fjouweren. Hy sil syn siel mar yn duldsomens besitte. Hy suchtet en lêst dizze kear mei sin.

‘Skande, dy earne bloedsjes fan bern,’ seit er.

‘Is dat alles watst sizze kinst?’ freget se skerp.

‘Ik haw der gjin wurden foar. Wier, it giet...’

Hy slokt de rest fan de stippeltsjes yn. Erges skimert him wat. It begjint helder te wurden. Yn in fier ferline ha se beiden op ’e Kweekskoalle west. It ljocht yn him floept op read.

‘Nee, Dynte, dat kinst net dwaan!’

‘Wêrom net?’

‘Alles wat wy tegearre opboud ha fuortsmite!’

‘Om it alderkostberste te winnen.’

‘En dat is?’

HERHAALDE OPROEP

SUMMA SUMMARUM, WIE KOMT ER NAAR VOLLARUM?

De kinderen van de Openbare Lagere Tweemansschool te Vollarum (gemeente Beursinge) zien reikhalzend naar hun nieuwe juf en meester uit. Zij willen dolgraag meteen na de zomervakantie beginnen.

Welke onderwijzer(es) verkiest een dankbare taak in een rustig Drents dorp boven een baan in een drukke vervuilde stad? Ook zeer geschikt voor een enthousiast echtpaar.

Vollarum is gunstig gelegen in een streek rijk aan natuurschoon en heeft uitstekende verbindingen met Assen, Meppel, Hoogeveen en Emmen.

Voor het hoofd is een ruime ambtswoning beschikbaar. Het verplaatsingsbesluit is van toepassing.

Sollicitaties binnen twee weken aan de burgemeester.

'Gemoedsrêst.'

Nier stiet op barsten, Dynte har mûle wiist no fiif oer alven. Hy blaast noch mear steam ôf.

'Ik bin helendal net entûsjast.'

'Nee, en wy binne ek helendal net in trouw pear. Mar dêrom solli-sitearje wy al!'

'Fan wannear is dy advertinsje?'

'Alve juny.'

'Te let. 't Is hjoed de fiifentweintichste.'

'Ik haw de boargemaster niis persoanlik skille. It kin noch. Fan 'e

middei moatte wy derhinne.'

'Mar it is woansdei, middeis gjin skoalle.'

'Jout neat. Se sille ús mei iepen earms ûntfange, sei de boarge-master.'

Hy sjocht by syn spierneakene bast del. Syn steam is er kwytt, hy fielt him hol fan binnen. Hy akselt inkeld foar de foarm tsjin it needlot dat oer him skoot. De berêsting wol noch net yn him del.

'Ik haw der gjin nocht oan om yn lytse bern om te griemen.'

'Dat komt wol wer,' seit se bemoedigjend. 'Ast der aanst mar foar stiest.'

'Krekt in briedhin mei in team piken.'

'Do krijst de heechste klassen.'

'As brette hoanne foar noch grutter pysten.'

'Goed, dan nim ik dy. Do krijst de lytskes fan de ûnderbou.'

'Ik mei lije dat wy ûnderoan op 'e foardracht komme.'

'Ik sil wol soargje dat soks net gebeurt.'

'Dan staak ik.'

'Dan doch ik it allinnich.'

Nier hat it al oerjûn, it ûnderbewuste prottelt him noch wat nei. 'Ik haw net iens it folsleine foech foar ûnderwizer,' merkt er fyntsjes op.

'Ik kin gjin haad wurde.'

'Mar ik wol!' seit se monter. Se komt kwyk oerein en pakt him by de hân. 'Kom, wy sille us aktes helje. Wêr hasto dy dingen?'

'Dêrsto se omswine litst. Yn dyn eigen skriuwbuero.'

Dynte sleept him by de treppen op. It naait der in koers ut. Se reagje

yn it skriuwbuero om. De papieren stowe wit-wêrsanne. Konfetty

dwarrelt yn lapen op har del. Se spanne har der beide merakels foar.

Dynte om de aktes foar it ljocht te bringen, Nier om se te fertropjen.

It gelok is mei de strebers.

'Ik haw se!'

Triomfearjend hâldt se in slim skansearre slúf yn 'e hichte. Nier hopet

dat der in knyntsje utrûgelje sil. Mar it binne twa aktes fan bekwaamheid, ien orizjineel en ien ófskrift. Dat lêste is sines. Der sit wrachtsjes noch in uttreksel fan it berteregister by. Dat is sines ek. Hy hat noch in blau-moandei foar de klas stien, Dynte noait. Se wit net iens wat se mist hat.

‘Wy moatte gau in bewiis fan goed seedlik gedrach oanfreegje,’ stelt se fêst.

‘Krije wy toch noait,’ seit Nier.

‘Ik sil no fuortendaliks nei it gemeentehûs. Ik moat dy bewizen fan ’e middei oerlizze.’

‘Doch der gjin muoite foar. Oanfreegjen duorret ieuwen.’

‘Ik bin al fuort!’

Se slacht de doar ticht. It papierguod waait omheech en sylt nei it skriuwbuero werom. Dêr mearet it suver op deselde plakjes as wêr’t se it weiklout hawwe. Nier suchtet. Hy giet op ’e rêch oer de flier lizzen, docht de hannen yn ’e nekke gear.

Rinnendewei strûpt Dynte in simmermantel oan. As se by de stoepe del stoot, fernimt se dat it ien sûnder knopen mei inkeld in seintuer is.

It gemeentehûs yn Easterwâlde sjocht der fan bûten like sleau út as dat it fan binnen is. De ambtneren achter de loketten sitte har fingers te tellen. Guon dogge dat net iens. De man op wa’t Dynte ta stevent, kontrolcarret oft de wizers fan de elektrise klok wol ferspringe. As se syn útsicht behindert, skokt er by de wurken. No hat er ynsicht. Se stiet yn in S-bocht foar it loket. De V-foarmige útsnijning fan har mantel lit de Y-streek tusken har boarsten sjen. Syn gesicht kriget in ferhearlike O-útdrukking. Mar hy set him te skrep en nimt de korrekte amtlike I-hâlding oan.

‘Ik soe graach twa bewizen fan goed seedlik gedrach ha wolle.’

‘Twa?’ wit de man noch út te bringen. Fierder komt er net.

Se makket de milban los en hâldt de mantel heal iepen.

De man wurdt ynienen boppe syn eigen nearzich bestean út tild. Hy oanskôget in profaan trijelûk mei in godlik middenstik. En hy toevet al daliks yn himelse sfearen. Al wat er earder sjoen hat, wie mar in akwareltsje. Toch skrillet de amtner yn him tebek. Sa’n skilderstik moat er op ôfstân besjen. Sûnder har út it each te litten, teantet er achterút op in doar ta. ‘Ik sil even in pear formulieren helje,’ haffelt syn mûle noch.

Dynte rint om de rige loketten hinne nei deselde doar. As se dy iepen stjit, sjocht se hoe’t de man krekt om in hoeke stapt. Hy ferswynt yn it magazyn. Se folget him.

Hy stiet foar in lang wandmeubel fan oardel meter hichte. As er oer it skouder sjocht, lûkt him in wale fan ûnnoazele loksillige ekstaze oer it gesicht. Hy skeuvelt nei har ta.

Se docht de doar op slot. Se pakt in stoel, klimt op it wandmeubel, rint der oerhinne, set har del en lit de skonken foar syn noas bongelje. ‘Hoe lang duorret it foar’t bewizen fan goed seedlik gedrach ree binne?’ freget se.

‘Dy kin ik jo op middellange termyn leverje,’ prevelt syn wietich monsinjeurmûltsje. ‘Fjirtjin dagen.’

‘Doch net sa benaude wettysk.’ Se skoot wat nei foaren en slacht de boppeskonken om syn hals. ‘No daliks, begrepen?’

De eagen falle him omtrint út ‘e holle by har yn ’e skoat.

‘Ik haw in grotfolle oarderportefúlje,’ hapt er.

Se klammet de skonken noch stiver tsjininoar. ‘Ik ek. Ik jou jo fiif minuten.’

‘Ik kin gjin kant út,’ pypt er deabenaud.

Se lit los. Hy slokt, grypt nei de kiel en fisket mei de oare hân twa formulieren út in laad. Trilderich follet er ien yn. Se komt neist him

te stean, seit har namme, adres en bertedatum. Ut en troch sjocht er mei in skean each nei har froulike lokspizen.

‘Sjit op, ik kin net in pear blêdsiden wachtsje!’ trunet se oan.

Einlings is it earste formulier klear. Hy sil har namme al op it twadde skriuwe.

‘Net foar my! Dat is foar Nier Hinnebruer.’

‘Ek in frommes?’ stint er.

‘Nee, in man.’

Hy suchtet fan ferromming.

Dynte sommet Nier syn personalia op.

As de put derút is, plakt er op beide papieren in segel. Dan stimpelt er it gemeentewapen en de hantekening fan de boargemaster. Dêrmei binne de formulieren ta bewizen promovearre. No’t it op beteljen oankomt, fynt de amtner it oerskot fan syn plichtsbe-trachting werom.

‘Twa ryksdaalders legeskosten,’ seit er flink.

‘Ik doch it foar minder,’ flústert Dynte.

Se hat gjin sint by har. Wol har lea. Alles wat se fuortsmyt, is de ferpakking. Iepen en bleat lit se har tsjin him oan falle. As lianen slingerje earms om syn nekke. Se hâldt de holle achteroer. Har teisters flodderje as motten foar it wyt fan de eagen. De mûle is in heal-iepen skulp mei rozige lippen, twa stringen tosken en in kroljende tonge dêrtusken.

Dat is allegear al miljoenen kearen earder fertoand. En noait mist it syn útwurking. Ek by in amtner fan de boargerlike stân. De man is al klear, foar’t er begûn is. Hy teart skokkend dûbel en siicht slop as in skûteldoek op in krukje del.

‘Ofjaan,’ himet er achter azem.

Dynte jout om sizzen. Foar’t se de doar achter har ticht lûkt, ropt se oer ’t skouder: ‘De bêste dingen yn ’t libben jilde neat!’

Mar hy heart it net mear. Hy slept de neisliep fan de rjochtfear-digen. Lykas de amtners dy't oan de loketten sitte.

As se thúskomt, slept Nier ek. Se skopt him wakker. 'Ik haw ús bewizen fan goed seedlik gedrach!'

'Hoe is 't mooglik,' gappet er.

Hy komt oerein. De linkerside slept him noch, dy is sa stiif as in planke. Hy hat in bult krekt boppe de heupbonke. Middenyn in gatsje dêr't in pear drippen bloed út lekke. In fjurrich read plak der omhinne. De bult fielt stienhurd. Oer de flier sjocht er in daalder opdroege bloed. Fernuvere giet er nei de sliepkeamer, dêr't Dynte har opdocht.

'Moatst ris sjen. Ik kin net iens mei. Ik moat sykteferlof ha.'

Se ynspekterret flechtich syn blessuer. 'O, is 't oars net? In bij hat dy stutsen.'

'Dan wol in ferdomd grutte bij.'

'Miskien in keningin. Kom, gjin oanstellerij mear. In nije takomst temjitte!'

'Hoera foar de mienskip,' seit er sûnder in sprút opteinens. Hy soarget al sa leaf oer himsels. Wêrom is er net wakker wurden fan sa'n ferheftige pripaksje yn eigen liif?

Vollarum is in echt Drints brinkdoarp. It leit besiden in wetterke, middenmank bosken, dêr't it fan skieden is troch in stikmennich moargens lân. Dêrop gerskje net in soad hoarnbisten. Gernierkerijkes en komelkerijkes stekke amper boppe it iken kaphout út. De measte boeren buorkje it mingd bedriuw fan de eastlike sângrûnen. Se hawwe hinnen en bargaen, rogge en ierpels.

Oan de brink steane twa tsjerken en ien winkel. In katolike witehoasketsjerke en in grifformearde swarte-hoasketsjerke. Yn it opschrift oan 'e gevel fan de winkel binne in pear letters ôfblierre. Ynstee fan

SUPERMARKT stiet der SPERMA. It ienichste produkt dat dêr net te krijen is, of it moat ûnder de toanbank wêze.

It skjinne doarpsbyld wurdt in bytsje fersmoarge troch politisy, dy't stik foar stik miljeubeskerming heech op har partijprogram hawwe. In boerd mei ferkiezingsreklame stiet diagonaal oer it gersfjildsje fan de brink. Oars kinne alle listtrekkers fan de 36 partijen der net op. Yntelligent en ynteger sjogge de koppen op it plattelânsfer-midden del. Noflik rêstich is it hjir oars wol. In hûntsje hobbelt achter syn noas oan. As it in achterpoat te heech tilt om by in pealtsje op te pisjen, rôlet it om. Yn it skaad binne twa jonges sleau oan it fuotbaljen. As ien de bal mist, litte se him rôlje en geane der by sitten. In opslûpen bromfytser draait slûge rûntsjes. As in misdiediger yn it blok hinget er tusken it hege stjoer, de hânfetten rikke him boppe de earen. Dynte en Nier hâlde foar in hûs mei in steryl túntsje. It ûntúch is mei in skroevendraaier wjудde. En it paad is mei in boarstel oanfage. En wa hawwe wy dêr? De ryksynspekteur sels. Wat? De âlde Bolk Jammerhout? Nee, syn soan, Bolk Jammerhout junior. En wa is dat foech mantsje mei de persoanlikheid fan in plastic bekerke? Dat is de wethâlder sels. Pil Maatsuiker. En dy fjouwer oaren? Dat binne de leden fan de âlderkommisje. Maartje Spaargaren, Hens Molensteen, Juk Akkermaal en Greep Balkenbrij. Allegear tige nommele lju, tige. Allegear foar in haastsitting byinoar.

Mei-inoar stappe se it hûs fan frou Spaargaren yn. Se sette har del om de grutte tafel yn de wenkeamer. Túndoarren iepen, dat is in bytsje koeler. Wêr sille wy sitten gean? Der wurdt gjin stoel mear byskood. Under de tafel dan mar, dat is it bêste plakje. Dêr hawwe wy gjin hinder fan it smoken. Wy sitte ûnder de reekgrins. Krekt op 'e tiid. It klokken en brûzen fan de frisdranken is al begûn. Underwilens begjint it foarpetear. Wy hearre allinnich stimmen. Mar dy fan Nier en Dynte net. Dy hâlde har stil.

...iisblokje deryn?... professor Van Brabant... taast ta, menear Hinnebruier... Tonic?... Professor Van Brabant sei altyd... sigaarke?... hjir!... ja, menear, professor Van Brabant... broeierich... pakje even iepen snije, sulverpapier trochstekke... professor ... sprits, bûtersprits... professor... sisa!... Fryske krûdkoeke... sûkelaadsje?... mearderheid fan stimmen... graach trochjaan, diskant hat hân... sit gimber yn... ûnttsjerkliking... oerdreaun... priket net, hear, jus d'orange... fan 't jier gjin sint foar 't ûnderwiis... momint... net sa beskieden, mefrou... fruchtebowl, eigenmakke... professor Van Brabant... gjin drinken mear, tankewol... fjirtich kilometer... grutte Amerikaanse weinen... protestbrief... Skandinavys iten, menear Molensteen... slop... suver... in hopen poeha... boeren... Van Brabant... neat... taalgebrûk fan keamerleden... lêze... belegere tsiis... better wat as neat... nije tsiis... tsiisbrogge mei kaansjes... ministers langer gjin krachtfigueren... professor Van Brabant en professor Van Groningen... tsiisbrogge mei kaansjes... mei kaansjes?... sil it heve... modelwurkje... tsiisbrogge mei kaansjes... koe it sizze en die it ek... mosterstip dan... finaal fan 't sintrum... professor Van Brabant sei altyd... oan it fuotten ein... tsiisbrogge mei greaukes kaansjes... dellizze... stilte, asjebleaf... stilte!... stilte!!

Dat lêste is net wier, fansels. Dat skreaut men net tsjin folwoek-senen. Soks docht men allinnich tsjin bern. Hjir tikket men diskreet op it tafelsblêd. Men brimt. En as dat net helpt, set men jin autoritêr gâns yn postuer. Dan falt wier in djippe stilte, want de man dy't der om frege hat, hâldt him sels de mûle. Elkenien swijt mei. It wurd is oan de ynspekteur. No komme wy boppe en sjogge alles.

'Proefles jaan is net nedich. Dat kin fan 'e middei trouwens ek net. Mar wy wolle toch graach noch wat mear fan jim witte. Om te begjinnen: wat sjogge jo as doel fan de edukaasje?'

Dynte: 'Opfieding ta alle maatskippij-kritise deugden.'

'En jo?'

Nier: 'Opfieding ta in tefreden minske.'

'Wat is in tefreden minske?'

'Ien by wa't it hawwen en it wêzen yn 't lyk binne.'

'Kinne jo dat dúdliker meitsje?'

'In tefreden minske falt mei himsels gear.'

'Fan wa is dy teory?'

'It is gjin teory. It is in opfetting fan mysels.'

De ynspekteur suchtet. Opfettingen dy't net ûnderboud binne, telle net.

'Hoe soene jo de taffeltsjes fan de bern yn it lokaal sette: apart of yn groepkes?' freget er oan Dynte.

Dynte: 'Yn groepkes, fansels. Foar it mei-inoar oparbeidzjen.'

'En jo?'

Nier: 'Ik soe de taffeltsjes allegear apart sette.'

'Wêrom?'

'Dat is better. In resint Amerikaansk ûndersyk hat útwiisd, dat it wurkjen yn groepen neat wurdich is. Bern moatte allinnich sitte. Dat docht folle mear fertuten.'

'Watfoar ûndersyk wie dat?'

'Wit ik net. Ik haw it in kear lêzen.'

'Yn in faktydskrift?'

'Yn de krante.'

'Lêze jim in lânlik of in regionaal deiblêd?'

Dynte: 'Beide. Wy krije twa kranten.'

'Watfoar artikels ynteressearje jim foaral?'

Nier: 'Inkeld de strips en it waarberjocht.'

'Wat lêze jim noch mear?'

Nier: 'Neat. Soms in flutboekje.'

'Ek gjin opinyblêd?'

‘Ek gjin opinyblêd.’

Dynte jout him ûnder de tafel in feninige traap tsjin de skinen.

‘Wy ha ús eigen opiny,’ follet er oan.

‘De skoalle hjir hat de beskikking oer in pear moderne audio-fisuele helpmiddels. Soene jo by jo lessen dêrfan gebrûk meitsje?’

Dynte: ‘Ik al. Sokke helpmiddels konkretisearje de learstof en meitsje it ûnderwiis libbener.’

‘En jo?’

Nier: ‘Ik net.’

‘Wêrom net?’

‘Sjoch, de fundaminteelste wize fan kommunikaasje is gewoan mei-inoar te praten. Lyk as wy hjir no petearje. De bern wurde al mei televyzje en transistors deaslein. Dan moat ik sa nedich ek noch in soad filmkes en lûdbantsjes ôfdraaie. Aanst kinne se der helendal net mear sûnder. It wurdt in behoefte. Se ferleare it harkjen nei wat gewoan sein wurdt.’

‘Kom, kom, it binne mar helpmiddels. Miskien hawwe jo min-der beswier tsjin it skreaune wurd. De skoalle hat in stensil-masine. Soene jo wolris lesbrieven gearstalle?’

Nier knikt ynstimmend. ‘En brieflessen,’ seit er.

‘Hawwe jo de oantekening foar nuttige hantwurken?’

Dynte: ‘Jawis. En hy hat de oantekening foar hanne-arbeid.’ ‘Moai sa. Jo soene dus de leechste trije klassen krije en hantwurkjen oan de famkes fan de boppebou jaan kinne.

Jo man nimt de fjirde, fiifde en seisde.’

‘Hy is myn man net.’

‘O nee?!’

‘Wy binne net troud.’

‘O nee?!’ ropt it omsittend laach út.

‘Mar wy libje wol yn mienskip fan guod.’

Nier: 'En wy binne net skieden fan tafel en bêd.'

'Fiele jo josels kapabel om haad fan in skoalle te wêzen?'

Nier (ferromme): 'Ik haw it foech net iens!'

Dynte: 'Ik soe hjir graach haad wurde.'

Ynspekteur (ferromme): 'Dat liket my ek it bêste!'

Dynte (ferromme): 'Dan krij ik de heechste klassen.'

'It muoit my, dat kin ik net tastean. Jo witte sels, de basis fan de basis-skoalle is it wichtichste.'

'Dat is sa, ynspekteur.'

Ta de mindere oarehelte: 'En sille jo op húsbesyk gean om in goed kontakt mei de âlden fan de bern te ûnderhâlden?'

'Jawis, foaral mei de memmen.' Nier jout de ynspekteur in knikje.

'Wêrom?'

'Dy binne meastentiids thús.'

'Mar der binne genôch memmen dy't oerdeis wurkje.'

Dêr gean ik jûns hinne.'

'Mar jûns binne meastal beide âlden wol thús.'

'Dat hindert neat,' seit Nier.

De ynspekteur brimt. Hy hat himsels tefolle ôfliede litten. Der moat wer bestekliker praat wurde.

Ynterim-rapport-learplan-ûntjouwing... respondinten ûnderwiis-fernijing... differinsjaasje, yndividaasje... oansluting K.O., B.A.O., V.O. en H.O. fan in dûbeltsje gjin kwartsje meitsje... longitudinale en kategoriale learopset... beslútfoarming... ynteraksje learlingen-learkrêft... teambesprek... ferstannige kombinaasje fan fakkombinaasjes... maatskiplike ferkenning... it giet om it bern... ekspresje... kontinuïteit yntroduksje en observaasje... kontakt wurdifersrapport, ynklusyf evaluaasje, reseach, ynformaasje en advisearring... guon bern bliuwe in fraachteken... politike en religieuze oertsjûging... ynterne ferantwurdlikens... eksterne faktoaren nivellearjende beyn-

floeding suksessive didaktise ûnderwiisdoelstellings.

Dynte makker in treflike yndruk. Dy makket se altyd en oeral. Se telt foar twa. Op steande foet fêst beneamd! Nier wurdt op 'e keap ta naam. Hy kriget in tydlike oanstelling.

De offisjele stikken sille se meikoarten tastjoerd krije. Se hoopje beide dat it net te lang duorje sil. Dynte it meallen fan de amtlike mole en Nier it baantsje sels.

De ynspekteur en de wethâlder stappe op. Se haastje har nei in folgjende gearkomst. De nijbakken master en it boppemasterske rinne achter de âlderkommisje oan. Se sille de skoalle en it skoalhûs besjen. Bûtendoar nimme se inoar even besiden.

'Hasto no dyn sin?' seit Nier kiezzich.

'Asto it mar net hast,' seit Dynte. En mei in stielen gesicht: 'Witsto wol wêrom't se hjir gjin personeel krije koene?'

'Gjinien wol yn sa'n gat sitte.'

'It foarige haad en syn frou binne yn it skoalhûs fermoarde.'

'Ik gean hjir fansels wol dea,' seit er sûnder in spier te ferlûken.

Sa sizze se oardel moanne letter op in kweadei har ynleaf Fryslân farwol. It eigen riantê lânhûs hawwe se útliend oan in ynstânsje, dy't fakânsjes foar âlderein organisearret. De Bugatti Type 41 hawwe se ynruile tsjin in ein. Se libje no al wierlik links.

As se Vollarum yn ride, wurde trijennjoggentich gerdyntsjes fansiden skood. Wat in poppekast. Hûndertfiifentachtich eagen folgje har op har yntocht.

Se helje de kaaïen ôf by de skoalskjinmakster. In frommes mei it figuer fan in bosk woartels. De kaaïen sitte oan in ring omtrint sa grut as in hoepel.

Neist de skoalle is in begraffenisûndernimmen anneks dea-kistemakerij. De baas stiet mei de earms oerinoar slein yn de doar. Wylst

se op it skoalhûs tasette, sjocht er har om de beurt rjocht-op-en-del oan.

‘Hy nimt de mjitte fan ús no al,’ seit Dynte.

De wenningynrjochter hat de flierbedekking lein. Meubels en pakdoazen binne troch de ferhuzer brocht. Alles stiet byinoar yn de fertrekken dêr’t it wêze moat. Se hoege it sels inkeld noch te plak te setten.

Se skrepe en heisterje omraak. Sân kear fersjouwe se de swiere bank, foar’t dy neffens Dynte goed stiet. Nier moat fjouwer kear de boekekast leech helje, om’t dy wer ferskood wurde moat. Mar nei in heale dei hawwe se ien keamer bewenber.

Se ploffe op ‘e bank del.

Dynte krûpt Nier oan. ‘Hoe fynst it hjir no, knuffel?’

‘Prachtich! Ik fal hast yn ‘e sliep.’

‘Mar der stiet noch gjin bêd.’

‘Dan tegearre yn bad.’

It slagget en meitsje mûle op mûle de hele reis nei boppen ta. Har hite tongen dûnsje mei-inoar as wylden. Se sûgje elkoar fêst en klaaie inoar sa út.

Dynte draait de mingkraan iepen. Se gjalpt. In grouwe spin krûpt derút, it bist rint skean by de muorre op. Nier slacht mei de flakke hân. It spinneliif kwitst him tusken de fingers troch. Op syn hân en de muorre in ôfprint fan giel slym mei grize spikkels. In pear hierrige poaten wrimelje noch. Dynte stiet te triljen op ‘e skonken. Spinnen is it ienichste dêr’t se bang fan is. It slym wurdt triedderich, krekt plaksel dat opdroeget.

Nier sil de hân ôfspiele. De kraan boppe de wasktafel jout gjin drip. It wetter is noch net oansletten.

Dynte begjint de klean wer oan te strûpen. ‘Ik haw no gjin sin mear.’

Nier faget de hân ôf. ‘Dat kin ik my yntinke.’

Wat ferwezen geane se nei ûnderen ta. De nocht om noch te arbeidzjen is der ek goed ôf.

‘Ik haw toarst.’

‘Ik haw wol sin oan iten.’

Se stappe de buorren yn. De doarpse supermarkt is ticht. Se sykje fierder. As se al bûten it doarp binne, hawwe se noch gjin oare iepen winkel fûn. Woansdeitemiddeis is alles yn Vollarum ticht. Dat hiene se witte moatten.

Se geane yn ’e berm sitten. Se lûke gerskes ôf en kôgje derop. Sa’n lekker rustyk piipjende dongwein mei in slach yn it tsjil stjonkt har foarby. Wylst se de strontkarre nei-eagje, sjogge se krekt foar de bocht in reklameboerd mei in pylk. Se springe tagelyk oerein en strike derop ta. In herberch.

Op in dekorative bochtige planke, sa fan de beam, is yn hoannepoaten YN DE GOBJENDE KAT skildere. Friezen-omutens binne oeral. Troch it doarsgat kinne se de skimerige taapkeamer sjen. Nier triuwt tsjin boppe- en ûnderdoar. Se swaaie wrachtsjes helendal iepen. In ûnskuldich bleatebillegesicht leit op ’e taap te sliepen. Mei in gnoar skrillet it wekker. It slacht de swiere eachlidden op en is ynienen sechstich jier. It glimket in bytsje beskamme. De man takelt himsels oerein en begjint foar de foarm mei in doek oer de taap te wriuwen.

Hy sjocht foardel, mar lit by no en by dan de eagen oer syn gasten gean. Hy wachtet op oarders.

Se hawwe har oan in wippelich taffeltsje delset. Nier winkt. ‘Twa pils en ien hin mei appelsmots. As it net tefolle frege is.’

‘Nee, hear, grif net.’ As it him al ferrasket dat er Friezen oer de flier hat, dan lit er dat net merke.

De pils is gau genôch brocht. Mar it iten duorret in ivichheid. De kastlein komt sels ek net werom. Hy lit har inkeld mei in bierke sitte.

In heidens spektakel fan hinnen ferskuort even de stilte. Dan in langhalige keakel dy't smoart yn in heaze tok. Dêrnei is it wer deastil. Einlings leit de hin foar har. Dy smakket treflik. Sels de appelsmots komt út eigen hôf. Wylst se de tosken yn it soppige fleis sette, sjogge se inoar sûnder ophâlden oan. Se skowe ûnder de tafel de skonken yninoar en wriuwe inoar mei in knibbel op. Underwilens lûke se stikjes fleis tusken de healiepen lippen troch en sûgje dy dan der wer ta yn. De tongtippen strike by de mûlshoeken lans.

Mar it kin aanst wer neat wurde. Dynste sjiit wat oars yn 't sin. 'Och hea, ik soe om trije oere by frou Spaargaren wêze. Ik moat avensearje. Rekkenje do mar even ôf. Ik kom wol nei hûs.'

Fuort is se al. Nier nimt noch in pils.

Oer it moudige foarút skonkje twa keardels op 'e herberch ta. Se hawwe de hinne-en-werjende gong fan kowedriuwers út it Wylde Westen. Filten huodden op de rûge koppen, in bûsdoek om 'e hals. Oer de kile in iepen learen festje sûnder knopen. Elk twa riemen, ien om de mil en ien op 'e heupen. Opsleine broeksboksen. Learzens mei hege hakken en spoaren. De iene fint hâldt de earms wat krûm fan it liif ôf, de kloeren grypree. De oare hat de tommen by de ûnderste riem yn stutsen. Kaak Harington en Ros Drink-water. Se kroadzje streekrocht op de kastlein ta en skoppe yn 't foarbygean even in stoel om. Mei in klap op 'e taap fregje se bier.

Ros syn knikkert stuiter op-en-del yn de kiel, as er yn ien sloarp it hele glês leechsûpt. Kaak kriget in pûdsje út it rak mei lekker lytsguod. Hy hâldt de holle achteroer, de snappen iepen en smyt alle nûsjes tagelyk deryn. Ros rôlet mei ien hân in sjekje. Se prate lûd. Se roppe hieltyd stikjes út 'e stilte en begrieme dy mei har fettige stimmen.

Dan pakke se beide in keu. Se lizze de ballen op it akkyt en begjinne

te biljerten. VERBODEN TE MASSEREN stiet dúdlik op in grut oanplakbiljet. Mar se dogge it al, fansels. Nei trije beurten hawwe se al twa gatten yn it lekken stompt.

‘Dat kin sa net, hearen,’ seit de kastlein noch kalm.

Ros lúkt oan ’e skouders, set de keu rjochtoerein, makket in karamboal en it tredde gat.

‘Kinne jim net lêze?’ ropt de kastlein út. Hy wiist nei it ferbod.

REGLEMENT VOOR DE PARTIJ CARAMBOL DOUBLE

12. Die de biljart beschadigt door het gooien met de ballen, kadetten en queuën of slaan met dezelue, verbeurt drie gulden.
15. Die het eerste gat in de laken van het biljart stoot
verbeurt.....fl. 5,25
het tweede.....fl. 5,00
het derde.....fl. 2,00
het volgende.....fl. 1,00

De boeten in artikel 12 en 15 bepaald, zijn ten voordele van de Kastlein.

Kaak smyt him in bal foar de harsens. De kastlein kin him noch krekt dúke. Hy slúpt achter de taap wei. Neist in metersheech papier achter glês yn in iken list bliuwt er stean. ‘Hjir stiet it.’

Ros en Kaak komme nijsgjirrich tichterby. It papier is fergiele nei mear as hûndert jier hingjen.

‘Kêst tolve en trettjin,’ ljochtet de kastlein ta.

‘Nûmer tolve is net op my fan tapassing,’ seit Kaak. ‘Ik haw de bal smiten sûnder it biljart te beskeadigjen.’

‘En wy ha ek gjin gatten yn it lekken stompt,’ bewear Ros. ‘De mot sit deryn.’

‘Gjin sprake fan,’ protestearret de kastlein. ‘Jim komme der foar in prikje fan ôf. It is noch de âlde priis.’

‘Hoefolle wurdt it dan mei-inoar?’

De kastlein telt lûdop de bedragen fan de fertarrings en de fergoedings byinoar op. ‘Fjouwerentweintich fiifensechstich.’ Ros pakt him by de knoop fan de strik beet. ‘Better optelle!’ knerseltosket er.

De kastlein skodhollet. ‘Better oplette,’ keatst er werom.

As Ros him tagelyk tsjin beide skouders huft, wurdt syn holle in jaknikker. Mei ien stap stiet Kaak achter him, sjit mei de hannen ûnder syn earms troch en slacht se yn syn nekke gear. Knappend hâldt de jaknikker stil. Ros sûcht oan in sigaret, tipt de jiske derôf en rikt mei de gloeiende punt tusken de eagen fan de kastlein.

‘Lit him gewurde,’ warskôget Nier.

Sûnder om te sjen freget Ros: ‘Wa is dat Kaak?’

‘Winny de Poeh,’ andert Nier.

Ros sjocht oer it skouder. Dan draait er yn slow-motion in healslach. Starich trapet er op Nier ta. Hy hat in dûk yn ’e noaspunt en ien fan syn blomkoalearen mist it lapke. Hy bûcht him wat foardel en leit de hannen op it taffeltsje fan Nier. It hele blêd wurdt derûnder omtrint wei. Hy hat brede stompe fingers en pinken mei mar ien keatsje. Yn it wyt fan de eagen in netwurk fan reade ierkes. As er praat, wipt him de sigaret tusken de lippen ‘Fielsty wol goed?’

‘Ik laitsje my te pletter,’ seit Nier.

‘Wêr bemuoisty dan mei?’

‘Ik tel oan sechstjin ta,’ jout Nier him te witten.

Ros lûkt de ûnderlippe yn en klaut him it kin. ‘Wêrom oant sechstjin?’

‘Om jim genoch tiid te jaan mei jim grauwe bealch op te krassen.’

Ros snúft. De snotte falt op 'e bûsdoek om syn hals. 'Hearst dat, Kaak, hy telt oan sechstjin ta.'

'Ik fernim noch neat,' brommet Kaak. Hy teart de kastlein fierder dûbel. De ja-knikker is in treurwylch wurden.

Nier komt oerein. It swit stiet him yn 'e hannen. Hy faget se oan de broek droech. Ros spuit de sigaret út. Nier begjint te tellen, de oaren falle yn. Om beurten telle se. Behalven de kastlein, dy telt net mei. Op de fyftjinde tel traktearret Ros in linkse hoeke. Nier springt sydlings foar it presintsje wei. It is in skampstomp, mar de follings rattelje him yn 'e kiezzen. Noch foar't Ros it lykwicht werom hat, stapt er yn mei in opslach. Syn knokkels flitse tusken de kaakbonken troch yn it weake fan de noas-kielholte. Ros guorrelt as in kolkje dat it wetter net ferwurkje kin. Mar hy pleatst noch al in ribbedúst. Dy bedarret op it middelruft. Nier rint leech as in lekke ballon, hy slingert op 'e skonken. Hy hâldt him steande oan it trekkerke fan in rits en skuort it omheech. It fel fan Ros syn strôt sit dertusken. Piipjend maait dy mei de earms, sûnder beroai. Nier hat alle tiid om wyn te happen. Hy triuwt Ros tsjin de muorre. Wat in raakflak, frij pik. De lêste klap is in pracht. De skonken gliede ûnder Ros wei. Mei in wipke komt er op 'e kont del, as in bern fan de glyd baan. Even skoddet er hinne-enwer, dan batst syn holle tsjin de muorre.

Kaak slacht de kastlein it fel oer de eagen en bemuoit him dan mei Nier. Hy hat net de krollefûstdynamyk fan syn maat. Hy is mear in dûnser. Gjûn sierlikenien, mar hy mêdet Nier moai ôf. Hy pakt in bierfleske fan de râne fan it biljert en slacht de boaiem derút. De glêspunten flimerje, skermesearjend hipt er op Nier ta. Dy brûkt in stoel as skyld. Mei in poat reaget er Kaak it fleske út 'e hân. Mar hy feecht te fier. Hy swaait achter de stoel oan en rekket op ien knibbel. Foar't er it wer op fuotten krijt, stiet Kaak al mei in optild taffeltsje oer him. In hite luchtstream klapt him yn 't gesicht, in lift sûzet op

him del. Hy heart it knallen fan fjoerwurk, mar hy sjocht it net. Yn tsjuster brekt iepen en der komt tekening yn 'e loft. It taffelsblêd sit him as in kraach om de hals. Hy lûkt in nustje splinters út it wang en wrikket de holle los.

Kaak stiet rûngear en wiidskonkich oer Ros hinne. Hy fernimt net wat achter syn brede rêch gebeurt. Nier klaut oerein, teantet tichterby en skopt him mei alle geweld tsjin de kloaten. Dat fernimt er wol. Aljend fandelt Kaak it swikje byinoar en stoot de herberch út. Nier set him nei. De iene rint hurd fan de hope, de oare fan de freze. Bûtendoarren makket Nier in snoeksprong. Hy dûkt Kaak nei de fuotten. Tegearre kneppele se oer de grûn. Tagelyk komme se oerein en steane wer each yn each. Se kinne inoar wol deasjen. Want se binne te wurch om echt te knokken. Dêrom geane se yn de hingelhâlding, wylst se mekoar omklampje. Se beklöpje inoars ribbekas. Wêr't it weikomt, is in riedsel, mar fan alle kanten streamt it folk ta. Einlings kriget Nier in bytsje earmslach. Hy splitst Kaak in homp yn 'e mage. Dy krimpt earst yn en rôlet himsels dan as in loper út. Hy lit oer him hinne wâdzje. Dat docht Nier trouwens ek. Hy waggelt de herberch yn.

Noch hat er syn gerak net hân. Ros is ûnderwilens by de poat fan in barkrukje opklommen. Hy hat net folle benul mear yn 'e eagen. Inkeld in omkeard firtueel byld. Mar hy jout it net oer. Hy sil yn 'e fernieling slein wurde, hy freget der gewoan om. Mei in alderlêste krêfteksploazje parst Nier in rjochtse direkte út 'e bûksike lea. Ros sjit út syn learzens omheech en beklings troch de iepen doar. Hy komt krekt even earder foar de herberch del as Nier ferskynt en himsels oan it kezyn ophyst.

Hij wankelt nei bûten ta. De omstanners wike tebek en meitsje earbiedich in trochloop foar him frij. In jonkje hat him de lea stikken holden en is no grutsk dat er aanst by sa'n master yn 'e klas komt. Syn

âldere broer stiet mei in opskriuwboekje ree. Hy soe in hântekening freegje wolle foar syn samling fan sporthelden, mar hy doart net goed.

Se binne no moai op gleeed. De skoalle giet dat it slydjaget. Gjin wanklank wurdt heard. Se hawwe har al hielendal oan it nije libben oanpast. Echt master en juffer. Dynte rydt op in fyts mei in sûnensseal. En út Nier syn boarstbûse stekt in batterij ballpennen. Dynte folget in hegere skoalferfrissingskursus en Nier is foarsitter fan in stikmannich pleatslike ferienings, wêrûnder de floralia. Hoewol't er gjin geranium fan in begonia ûnderskiede kin.

Dynte har oanpak is modern, dynamysk. Se brûkt alle apparaten dy't foarhannen binne. Soms sit se, ferstrikke yn film- en lûdbannen, midden oer de flier fan it lokaal. Se hat altyd spul mei dy technise dingen, mar se lit it der net by sitte. Dêrby docht se ek noch de administraasje. Dat liicht der net om. Allegear formulieren. En se is net sa systematysk oanlein. Nier helpt har gjin stoer. Sy is haad, sy wurdt derfoar betelle.

Syn oanpak is âlderwets, statysk. Syn learlingen hat er gjin bern oan. Hy kin mei har lêze en skriuwe. Dat docht er dan ek meastal. Lêze en skriuwe. Want dêr hat er it minste neisjenwurk fan. Hy lit wol hele rychjes tiidwurden ferfoarmje. Yn notiid, doetiid en dantiid. Ik baal, jij baalt, hij baalt, wij balen, jullie balen, zij balen. Ik baalde, wij zullen balen. En hij lit faak sifersommen meitsje. Fan dy âldfaders mei in lange streep, in soad komma's en noch mear heakjes. Mar de bern ferfele har net en meie him wol lije.

Achter it rût fan de skoalledoar hinget in buordsje.

TIJDENS DE LESUREN IS HET HOOFD VAN DE
SCHOOL NIET TE SPREKEN.

Toch ferskine soms fertsjintwurdigers en oare snoeshoannen as it

skoalle-yn is. Se rinne steefêst earst nei Nier syn klas. Hy is it haad, rekkenje se. Freonlik ferwiist er har troch nei Dynte, ien lokaal fierder. Dy wit har wol ôf te konfoaien. Dan komt de dei dat it har net slagget. Se kriget de reafallige jongkeardel, dy't bedwelmjend nei lavindel rûkt, mei gjin stok ta de doar út. Hy hat in ferrassing foar har, it is wier-wier gjin reklame. Mar it moat ûnder fjouwer eagen barre. Op 't lêst giet se mei him nei it keammerke. Se ferwachtet in yoga-demonstraasje of sokssawat. Hy oerlanget har in tsjinstkefert. Se ritst it iepen en lêst.

Dy kwal! Henk-Jan-Willem van Pompom. Listtrekker fan de Fragmentariërs, no minister, eartiids lytsman. Prokuraasjehâlderke fan in nearzich nammeleas fennoatskipke. Yn dy tiid hat se wolris gedoente mei him hân. Se wie him al lang fergetten. Hy har blyk-ber net.

Ministerie van Ambulante Zaken

Geachte mevrouw Planteit, s.s.t.t. et h.

Geïmponeerd heb ik van Uw rekest inzake de uitbreiding van Uw school met een speel-werklokaal kennis genomen. Toestemming voor de bouw en financiering van het project valt, daar het een onvoorziene tussentijdse aanbesteding betreft, onder mijn ressort. Indien U persoonlijk de vergunning in ontvangst zoudt willen nemen, behaagt het mij op Uw verzoek gunstig te beschikken. U dient daartoe heden avond te 23 uur Uw opwachting te maken in de Waterpoort te Sneek, nadat ik in het Congresgebouw aldaar een spreekbeurt heb vervuld. Mijnerzijds zal ik maatregelen treffen, teneinde mij ongestoord met U te kunnen onderhouden in een vertrouwelijk tête-a-tête. Ik verzoek U enerzijds onherkenbaar te verschijnen en anderzijds geen ruchtbaarheid aan onze rencontre te geven.

Met gevoelens van verwachting en hoogachting,

Henk-Jan-Willem van Pompom

De minister hat de brief sels opsteld en útskreaun. Dat sjocht se oan it wollige taalgebrûk en it sabeare persoanlike hânskrift. Masterske fan in minister. Lit him in oar matras sykje.

De jongkeardel hâldt him beskieden tebek. Hy wipt op 'e teannen en sjocht troch it rût nei de fûgeltsjes dy't der net fleane. Einlings doart er Dylte har ôfweagjen te ûnderbrekken. Syn stim is as in wids-esankje en komt sûntsjes út syn linkerbroeksbusse wei. 'Ik moat op skriftlik antwurd wachtsje.'

Se hat mei har ferline brutsen, mar it ferline brekt net mei har. Se is foargoed út it libben stapt. En no wurdt se der wer yn skuord. Se moat de hoer spylje. Foar in ministerieel provinsjaal slûperke. Oan har te gast gean, foar't er wer nei De Haach weromreist. Se sil wol moatte, oars kriget se har spul wurklokaal net. En se docht alles foar har skoalle.

Hastich smyt se har antwurd op in skriftblêdsje. Se docht gjin war om in kefert. Se plakt it kattebeltsje mei in stikje trochskinend plakbân ticht en jout it sa mei. By de haldoar docht se de boadskiprinder útlaat. Foar de skoalle stiet syn limûsine, in Alfa Romeo. Hy stapt deryn en rydt fuort. It ekstra sportive knetterjen fan 'e motor hat er sels gjin hinder fan. Hy sit yn 'e lûdtichte kabine.

'Dat wie dreech, no?' seit Nier as se weromkomt. Hy stiet yn de doar-siepening tusken de beide lokalen. Dêr hat er goed sicht oer de kliber bern. 'Wat moest dy keardel?'

'Och, neat,' andert Dylte yn gedachten wei. Se nimt har eigen klas oer.

Dy jûns strûpt se in klaaide jurk oan dy't har nerges net past. Se draait it hier yn in knoltsje op 'e achterholle, stekt der in soadsje breidpriemen troch. Docht grize steunhoazzen oan. Nimt foar skuon in pear turftrapers. Makket har op as in jongfrelle út 'e

rimboe. Set in ûlebrille mei dikke glêzen op.
 Se sjocht derút as in stive trut. Se ken harsels net iens. Dat moat ek.
 Wat truttiger, wat better.
 ‘Hearegodskes,’ seit Nier, ‘wêr sil dit hinne?’
 ‘Nei minister Henk-Jan-Willem van Pompom.’
 ‘Hoe âld is dy man?’
 ‘In konservative fjirtiger’
 ‘En wêr wennet dy sek?’
 ‘Yn De Haach. Ik moat nei him ta foar in spul-wurklokaal.’
 ‘No noch?’
 ‘Hy sprekt yn Snits.’
 ‘Sil ik dy bringe?’
 ‘Lit mar. Ik kom fannacht net thús.’
 ‘Dus ik mei hjir wer allinnich op in houtsje sitte te biten?’
 ‘Ast dêr aardichheid oan hast.’
 ‘Bist sa njonkenlytsen wol mei de skoalle trouw, hen?’
 ‘Gelokkich net mei dy!’
 Se hellel har âld brommerke fan ‘e stâl. Earst nei Hoogeveen ta. Dêr
 sil se mei de trein. Yn Meppel oerstappe. Yn It Hearrenfean op ‘e bus.
 Vollarum hat treflike ferbinings, mar net mei Snits.
 It rûkt jûnich. Oer it gea sacket in tekken fan skaad. De dieren skeuke
 har derûnder. De lytse fûgels binne al fan kant en de grutte sjogge
 noch even tusken de tûken troch yn it waar.
 Dêr fielt se in hân op it skouder. Se sinkt hast troch it seal.
 Chick Anus bromt neist har. Syn hege stim giet boppe it
 knetterjen út.
 ‘Ik mei in bean wêze as dat de bromfyts fan Dynte Planteit net is!’
 ‘Nee!’ raast se werom.
 ‘Ik haw noch in apeltsje mei har te skilen!’
 ‘Mar ik bin Dynte Planteit net!’

'Sit net te amerjen, dat wit myn noas ek! Mar dy brommer!'

'Fan my!'

'De wierheid, oars bist noch net jierdei!'

'Ik ken dat hele fanke net iens!'

'Ik fiel wietichheid! En ik lit my net mei in klútsje yn de reiden stjoere! Der is mar ien sa'nent yn heel Fryslân!'

'Wy binne hjir yn Drinte!'

'Godsilmykreakje! Dan sit ik yn it ferkearde boek!'

'Dat is ek sa!'

'Fanke, ik skrik my it apesoer! Mar gau der fan troch!

Ik moat noch nei in grutte par ta!'

'Ik ek!'

'No, groetsjes, hear, en datst him noch lang priuwe meiste!'

'Ja, smeitsje docht er my wol!' ropt Dynthe him nei.

It lange wite geitehier wappert as in fredesflagge achter him oan.

Se seit de himel op har bleate knibbels dank, dat se der sa truttich útsjocht. Oars soe er har grifwerkend ha.

As se yn Snits op it stee komt, stiet de gânse loft fol stjerren. Twa feestlik fersiere boatsjes farre ticht neistinoar ûnder in brêge troch. It iene hat in skûmsnor, it oare in brûssleep. Se pûste fol ferwachtings de takomst temjitte, se binne krekt troude.

De ranke Wetterpoarte stekt har puntige earms omheech. Op har foarholle hinget in klok. Dêrûnder in gloede yn har fjouwerkante eagen. Se stiet wiidskonkich, it siicht tusken har billen troch. It spulwurklokaal foar in minister. Se kin dy grutte par wol spuie.

Se kloppet oan. Reafallige Lavindel is poartwachter. Hy is yn styl klaaid en keart har mei in musket. Earst sjocht er net iens wa't se is. Mar as se har frijbrief sjen lit, mei se achter him oan by in smel trepke op. Hy draait in kaai, swait in doar foar har iepen.

It hokje ûnder de klok wurdt sunich ferljochte troch trije kearzen.

Oer de flier leit in oerklaaide matte en in luchtbed. Oan de linkerkant in bysettaffeltsje mei hapkes en snapkes. Rjochts in iepenstand doarke fan in fet fol flessen. Yn de fierste hoeke in losse wasktafel. Achter in keamerskerm in gemysk spieltontsje. Alles apart op in Rykswurkynrjochting makke. In treflike utillaazje foar seksueel wrakseljen.

Lavindel wynt beskieden út. Hy docht de doar op slot. Tagelyk stapt Henk-Jan-Willem van Pompom út it tsjuster fan it oare trepsgat.

Hy is klaaid yn in reekblau kostûm mei salmkleurige strik. Ut syn boarstbûse in bypassend lefdoekje mei monogram fan goudtrie.

Hy hat in mûsgriis oerhimd oan en boekelbrune juchtlearen skuon mei swarte fiters. In pearse diplomatebys oer de broeksboxen. Syn klaaiing wurdt kompletearre troch útsochte asseswares. Oan de pinke in platina segelring, om de pols in horloazje fan niobium, yn it ear it wite knopke fan in gehoarapparaat. Hy is te fluch nei boppen ta fallen. Hy bliuwt in sub-topfiguer, in parvenu. Dat is itselde.

Hy rint bekakt, sa twang as in skjirre. Mar syn eagen frette Dynte troch har opmaak hinne.

‘Bist dêr, bist dêr einlings?’ flústert er heas. Hy kriget har by de boppe-earms.

‘Wat bist feroare.’

‘Do ek.’

‘Wêrom sa’n grauwe fok op?’

‘Ik bin steksjoch wurden.’

Hy nimt har de bril fan ’e noas.

‘Sa, no bist Dynte wer.’

Hy hellet it breidwurkje op har achterholle út.

‘Foarsichtich, myn knoltsje, ik bin suver keal.’

Wat se ek seit, hy is net mear te hâlden. Hy knibbelt en lûkt har de turftrapers út.

'Au! Myn lykdoarns en ylbulten.'
Hy strûpt har de steunhoazzen út.
'Tink om myn spatieren!'
Hy leit har yn 'e hâldgreep del.
'Is it de minister bekend, dat ik hjir foar myn spul-wurklokaal kom?''
Hy haffelt al op har lippen om. Se twingt in hân tusken har gesicht en
sines. 'Ik wol it swart op wyt.'
'Ik haw de offisjele tawizing by my,' himet er.
Foar't er yn in poel fan genot kopûnder giet, komt dochs noch even
de partijman yn him boppe.
'Op wa hasto stimd?''
'Net op dy.'
'Op wa dan?''
'Ik jou my net bleat.'
Even letter docht se dat al.
Se smyt har gânse njoggenenfyftich kilo froulikens yn 'e striid. De
boarsten trilje har fan rebelly. Lykwols, se wurdt it mei Henk-Jan-
Willem iens. In heale meter skean ûnder it hert.

Nei in nacht fol leabrekking leafdewurk giet se de oare moarns op
hûs oan. Se hat de beskikking fan de minister by har.
Thús giet se rjochtstreeks nei it skriuwburo. Se ferskuort alles, alles
wat der oan papierguod fan har eardere libben as ferdivedaasjefamke
oer is. Triennen glinsterje har yn 'e eagen. Hoe't se ek siket, ien
oantinken fynt se net. Se ropt nei ûnderen: 'Nier, hasto myn swart-
boekje mei de bleatfoto's deryn ek sjoen?''
'Wat soe ik dêrmei dwaan moatte?''
'As pin-ups boppe dyn bêd hingje.'
Even is it stil. Dan ropt er werom: 'Ik dream fan oare froulju.'
Nier slacht it foarlêsboek ticht. Sisa, wêr sa'n modern tige oanrik-

kemedearre wurk útlêzen. Hy sjocht ris wat noch mear op it listje mei oanbefelle jeugdliteratuer stiet. It moat beslist oer in aktueel ûnderwerp gean en ûnsentimenteel wêze. Oars is it net ferantwurde.

Twa famkes stekke tagelyk de finger op.

‘Wat is deroan?’

‘Master, lêst master no werris sa’n boek foar dêr’t wy noflik stiltsjes om skrieme kinne?’

‘Hoe’n boek?’

‘No ja, sa’n..., sa’n...’

‘Sis it mar.’

‘Fûnen jim dit dan net moai?’

‘Jawol, mar ...’

‘Mar wat?’

It wie net echt begrutlik.’

‘Wat sil ik dan foarlêze?’

‘Alleen op de Wereld.’

‘Ja, master, ja, dat is noch net út. Dêr wie master Jacoby yn oan ’t foarlêzen.’

‘Hermien hat it, master.’

‘Wêr is it, Hermien?’

‘Thús, master. It is fan mysels.’

‘Bring it dan mar mei.’

De middeis komt Hermien mei in plasticpûde op skoalle. ‘Hjir is it, master.’

Se jout him it boek. In gymnastykfluitsje bongelt derûnder út. It toutsje derfan sit as blêdwizer tusken de siden 158 en 159.

‘Dêr wie master Jacoby bleaun,’ wiist Hermien.

Nier sil har it fluitsje jaan.

‘Dat is net fan my.’

‘Fan wa dan?’

Se is even stil. Dan: 'Fan master Jacoby.'

Nier stekt it fluitsje yn 'e bûse. Hy ropt Hermien, dy't al fuortgean sil, werom.

'Wannear hast dit boek mei nei hûs naam?'

'Doe't master Jacoby der net mear wie,' komt der starich en sachtsjes út.

'En it fluitsje?'

'Dat siet deryn.'

'Brûkte master Jacoby syn fluitsje altyd foar boekelizzer?'

'Oars noait, master. Hy hie it yn it laad lizzen.'

Nier glimket en knikt.

'It is goed, Hermien. Meist gean.'

Om fjouwer oere stjoert er de neibliuwers mar gau fuort.

Hy wol sels ek net neibliuwe. De flapramen moatte noch ticht. In pear dagen lyn is it tou derfan knapt. Se hawwe no nylonkoard krigen, dat kin net stikken. Mar der sit fierstentefolle rek yn. Hij stiet al mei it koard yn 'e gong en dan klappe de ramen noch net ticht. Dus moat er yn 'e klas op in taffeltsje klimme en se mei de oanwiisstok ticht triuwe. Hie er dat âlderwetse stikkene tou mar wer. In knoop deryn, klear. Mar de lju fan de gemeente hawwe it meinaam. Dy binne altyd sa behelpsum.

Hy giet nei de herberch YN DE GOBJENDE KAT ta. Sûnt it wyldwesttafriel hat er dêr net west. Zult Eikenbroek, de kastlein, sit der like fredich by as in fearnsjier lyn. Syn holle rêst op de oerinoar sleine earms. Allinnich docht er no gjin knipperke. Hy sjocht nei in opslûpen jonge, dy't oan de knikkerbak stiet te flipperjen. In fette boarre koest yn majesteitlike loaiens neist Zult op 'e taap. Der is noch in teken fan moderne ûntjouwing. De radio stiet lûdlêstich oan. Stasjon de Mexikaanse Hûn stjoert út.

Wat mear Nier neier komt, wat heger Zult de holle optilt.

‘Hoe stiet it libben?’

‘Dat stiet der wakker by,’ andert Zult sûnder in sprút opteinens.

‘Goeie saken?’

‘Ik mei net kleie. Jo ha my omraak klantebining besoarge.’

‘Soene jo no dan wat foar my dwaan wolle?’

Zult klaut him de plasse. ‘Dat stiet te besjen.’ Hy set twa romers tusken har yn. Hy rikt ûnder de taap en fisket in folle fesse sûnder etiket op. Die hâldt er Nier foar de noas. Nier knikt. Hy wit net iens wat it is. In kleurleaze fesse mei griene floeistof, in griene fesse mei kleurleaze floeistof, of in griene fesse mei griene floeistof. Zult wipt de koark derôf en jit yn. It is in giele fesse mei blauwe floeistof. It rûkt en smakket in bytsje nei mangels. Miskien is it blausoer.

‘De moard op de Jacoby’s,’ seit Nier. ‘Elkenien dy’t ik der nei freegje, hâldt him stil. It is taboe. Jo, as kastlein, hearre en witte mear as in gewoan minske. Dêrom kom ik by jo.’

Zult jit nochris yn. ‘It hat wiidweidich yn ’e kranten stien.’

‘Kranten jouwe de feiten, mar sizze de wierheid net.’

Se sûpe wer. De jonge komt by de taap om jild te wikseljen. Mei in fûstfol kwartsjes giet er nei de knikkerbak werom.

‘Dy flippert him in ûngelok,’ fertrout de kastlein Nier ta.

‘Jo soene my in ferhaal fertelle.’

‘Earst de kiel even smarre,’ stelt Zult út.

‘As it der dan mar út komt,’ hopet Nier.

Se meitsje har tredde kiperke soldaat. Zult triuwt mei de boppetosken in triedsje tabak fan de ûnderlippe. Hy skoot it op ’e tongpunt en spuit it oer de flier.

‘Ik wit it net sa goed mear,’ skytskoarret er der tsjinoan.

‘Weromtinke!’ trunet Nier. ‘Dan sjit it jo wol wer yn ’t sin.’

‘Myn ûnthâld is in gatsjepanne,’ kleit Zult. Hy set de radio op it alderbalderlûdst oan, de walm slacht derút. Hy winkt Nier om noch

tichterby te kommen. Se stekke de koppen byinoar. Sa kinne se liplêze. Zult begjint.

‘Miskien hie Jacoby syn fynst al earder ferkocht. De dochter is by syn folk ûnderbrocht. Gjûn spoar fan de dieders. In rôfmoard, fansels. Behalven de messen is neat fûn. It hele hûs wie oeral helle. Dat lei bûten westen yn de skoalle.’

‘Wachtsje,’ falt Nier yn, ‘dit is my te dreech.’

‘Stil,’ seit Zult, ‘ik tink fierder achterút.’ En hy ferfolget: ‘Har bern is sparre. Se leine allebeide mei in mes yn ‘e rêch op bêd. Yn in stoarmnacht. Fan ‘t jier mids maart. Se wiene ek net krinterich mear. Se koene der skoan komme. Mar se woene har wer. Har faam wie ûnderwilens trouw. Sûnt dy deis libben de Jacoby’s wer op ‘e âlde foet fierder.’

‘Wat in tizeboel,’ suchtet Nier. ‘Ik kin it min folgje.’

‘Ik sis wat ik weromtinke kin,’ seit Zult koartôf En hy giet fierder:

‘Ut earmoed hat er syn fynst út de klûs fan de bank helle. Dat koe de man net opbringe. Dêrom waard it preemjebedrach ferhege. Foarich jier is de bank oerfallen, de hele kas leechhelle. De tsjinst-faam krige dien. De Jacoby’s waarden krinterich. Hy moast in ûnbidige preemje betelje. Hy hat syn fynst nei de bank brocht en fersekerje litten. Wat, dat wit gjinien. In dei moat er wat kostbers fûn hawwe. Hy hie aardichheid oan grûnfynsten. Jacoby mocht heel graach allinnich it fjild yn gean.’

‘Net ôfdwale,’ warskôget Nier.

‘Ik bin hast oan it begjin,’ seit Zult. En hy set fuort: ‘In fanke hjir út it doarp. Se namen in tsjinstfaam yn ‘e hûs. In jier letter krigen se in dochter. Doe troude er mei de juffer fan syn skoalle. Hy stie hjir twa jier. Jacoby wie in ynkommeling út ‘e Rânestêd. Dat is myn sizzen, mear net.’

Zult draait de radio fan earferskuorrend op lûdlêstich werom.

Nier wurdt der tureluers fan. Wat him helder by stiet, is ien stekwurd. Fynst. Alles draait om de fynst fan Jacoby. Hy prebearret fan Zult op bysûnderheden en nammen los te krijen. Mar dy seit gjin stom wurd mear. Nier kriget inkeld noch in ôfsetterke. Dan gau op hûs oan.

Dynte is nei in kursus. Hy hat it ryk en de jûn wer allinne.

As er de foardoar iepen docht, besaut er him deroer dat it net sa is.

Dynte leit langút oer de flier. Hy knibbelt neist har, fielt har hertslach. Hy hie likegoed de han op de Venus fan Milo lizze kinnen. Har pols. Hy fernimt neat. Har wang. It is noch waarm. Hy heakket in spegeltsje fan de muorre, hâldt it foar har healiepen lippen. Wat dêr tusken wei komt, mei gjin namme hawwe. Mar it glês beslacht justjes. Se is gelokkich noch net yn 'e himel.

Lizze litte. Noait slachtoffers oanreitsje. Wachtsje op 'e komst fan de dokter. Hy bellet om driuwende help. Dokter is der net. Oare dokter.

Kengetal en nûmer opsykje. It antwurdapparaat ferwiist him nei in tredde dokter. Lilk smyt er de hoarn op 'e heak.

Benaud sjocht er op har del. Hy bespeurt in fjurrich read plak op har bil. Hy kin it net litte en reitsje it foarsichtich oan. It fielt stienhurd.

Middenyn sit in gatsje dêr't in drip bloed út komt.

Ynienen begjint Dynte mei ien skonk te traapjen. Se rôlet hinne-enwer. Dan slacht se de eagen op. It wyt is foar. Starich draaie de irissen achter de ûnderste lidden wei. Twa griengiele sinnen komme boppe de kimen út. Mar se skine net.

Nier slokt. Binne har eagen al brutsen? Deastil bliuwt se no lizzen. Se stoarret blyn nei it plafond. Dêr skokt har in ril troch de lea. Se snokket ien kear. De holle knikt foaroer, kin op it boarst. Se giet sitten sûnder de hakken fan 'e grûn te lichten. Se is noch linigernôch. Mar se sjocht oft se fan Saturnus komt.

'Wat is deroan?' bringt Nier út.

Se grilllet wer. Se makket in hânbeweging oft se spinreach fansiden

triuwt. Har eagen ljochtsje op en it sliepmasker falt fan har gesicht.
'Wat is deroan?' freget er wer.
'Neat, ju, lûk my mar oerein. Au! Dat jokket net!'
Se slacht him in earm om 'e hals en hipt op ien foet de keamer yn. De rjochterskonk is har sa stiif, as siet er yn it gips. Se lit har op de bank delfalle.
'Hoe komt dat?' wol Nier witte.
'Ik haw inkeld in prip field,' seit se fernuvere.
'In bij, moatst mar rekkenje.'
'Flean op! In bij yn novimber.'
'In winterbij.'
'Ferhip, do!'
Se knypeagje tsjininoar. It iis tusken har is wer brutsen, mar in bytsje yn noed sitte se al. Fanwegen de bijen.
'Sil ik de dokter roppe?'
'Bist net wiis?'
'Wêr hast dan sin oan?'
'Tosty.'
Nier giet nei de keuken. Hy makket brochjes mei in stik tsiis en in plakje skinke der op ta. Bakt se dêrnei oan beide kanten brún. Klear. It smakket oerhearlik, in feestmiel. Hy skoot de gerdinen ticht. Mar de leafde kriget har gerak wer net. Dat is te billikjen. Mei in stive poat giet it sa behelperich. Hy set him oan it fuottenein fan Dynte del. Se sit mei de skonken dwers oer de bank en slikket de fingers ôf. Hy tyspelt mei it gymnastykfluitsje om.
'Witst wol fan wa't dit is?'
'Fan dy?'
'Fan dyn foargonger, Jacoby.'
'Lit sjen.'
Hy jout it oan har.

‘Wêr hast it fûn?’

‘Hermien Kaaskanker hie it thús lizzen.’

‘Hat se it fan him krigen?’

‘Nee. It siet tusken har boek dat Jacoby foarlies.’

‘Wêrom is se der net earder mei op ’e lappen kaam?’

‘Bangens, tink. Foar sa’n bern klibbet it bloed fan de moard deroan.’

‘Wat moatte wy dermei?’

‘Oan ‘e plysje jaan.’

‘En dy sille Hermien tantsje. It ûndersyk wer iepenje.’

‘Se sille der gjin wurk fan meitsje.’

‘Lit ús it mar stil halde. It is net folle aaps.’

Hy lúkt oan ‘e skouders. Hy kriget it fluitsje oan, draait it yn ‘e fingers, hâldt it ûnder de lêslampe. Ja, it is mar in goedkeap nikkelen dinkje. It merk stiet op it mûlstik. De letters binne yn twa bôchjes gravearre. Yn it boppeste THE ACME, yn it ûnderste THUNDERER. Dêrûnder twa rjochte rigels yn lytsere letters: made in england. In ribbel om it mûlstik tusken de tosken te hâlden. Ek oan de ûnderkant. It blaasgat sit in hûdsje opdroege smoargens yn. Troch it oare gat kin er it knikkertsje sjen.

It fluitsje is in nok oan soldearre. Dêryn sit in gat dêr’t in lytse slútring troch stekt. Dêroan is it toutsje fêstmakke. It soldearsel hat in bytsje ljochtere kleur as it nikkel. Hy hâldt it fluitsje op ’e kop en sjocht nochris nei it knikkertsje. It is gjin koarken baltsje, it is glêder en it hat in laaiblauwe kleur. Hy hellet syn bûsmeske foar it ljocht. Sûnder it iepen te dwaan, skoot er it heft troch de ring en wrikket.

Dynte is njonken him kaam, hy fielt har azem yn ’e nekke. De slútring bûcht mei. Hoeden draait er it heft. De nok brekt by it soldearsel of. Troch it gat kin er it knikkertsje út it fluitsje skodzje. Mei it meske skrabbet er oer de skyl fan it baltsje. Hy pjukket de punt eryl. It knapt, de skyl falt yn flinterkes útinoar. Se jouwe beide in gjalp fan ferrassing.

Kykjûn. De âlden meie it wurk fan har bern besjen. Se komme om de beurt de klasse yn. De skriften fan har bern lizze netsjes op 'e hoeken fan de taffeltsjes. Elk kriget fiif minuten om mei de learkrêft oer de prestaasjes te redendieljen.

Nier hat syn lêste klant. Hy is al fier oer it tiidskema hinne. Dat bruit him neat. Dizze mem wol er net slite. In wrâldse ferkwikking tusken al dy plattelanners. Se pizelje nei. Se petearje al lang net mear oer dochter Deeltje Hooiopper. Se prate oer wichtiger saken, oer harsels. De jonge frou hat har lyk foar him oer útstald. Se sit, kreksa as hy, op in taffeltsje. Har fuotten reitsje sines op itselde stuoltsje. Se hat in pear útdaagjende skonken. Fluestinne nylons? Nee, in yn sinne kleure hûd, stelt er fêst. Se linet in bytsje achteroer. Har sljochte jersey jurk mist gjin inkele kurve. In paazjekapsel fan brúnread hier, mei oer de wangen in opsteand krulstje. Eagen fan it blau dat marren op in lânkaart hawwe. Noegjende lippen. In artistike moaikert. In frou om jo tsjin te sizzen, mar ek om te dookjen. Dat docht er dan ek. Se hat der sels om frege. Se hjit fan Geertrui en se is widdo.

'Ik soe graach ris les fan dy ha,' glimket se.

'En ik fan dy,' falt er har by.

Se smyt de holle yn 'e nekke en laket. As se him wer oansjocht, binne de stjerkes yn har eagen sintsjes wurden. Se hâldt de holle in bytsje skean en beweecht de tongtip starich oer de boppelippe. 'Wêryn?' 'Yn de saak Jacoby.'

Har gesicht lûkt strak. It glimket noch wol, mar it is net fan herten.

'Ik haw foar faam by him tsjinne,' seit se dof.

Nier kriget suver in elektrise skok, hy knypt beide hannen om 'e taffelsrâne. Mar hy lit it him net skine. 'Dêrom krekt,' knikt er. 'Der komt sa gau praat fan.'

Se stoarret by him lâns, dan heakje har eagen yn sines. Se binne wer

stjerhelder.

‘Wannear,’ freget se, ‘sille wy...’

‘No.’

‘Hjir net. Kom mar by my del.’

‘Wannear?’

‘Mei koarten. Ik belje dy wol.’

‘Ofpraat.’

It is healwei alven. Se meitsje de noflike gearspraak dien. Geertrui speaket har de lea. Se strûpt har koarte reinjas oan en lûkt de milbân strak. Se jout him in flechtich feechje oer it wang, mei-iens rint se foar him út. It is allegearre noch mar in begjin fansels, mar it hert tilt him. Hy docht de skoaldoar achter har op slot. Dynte is dêr al lang net mear. Dy sit yn ‘e húskeamer en hat de skoalkrante by de ein.

Se sammelt kopij. De haadartikels lizze al ree. Opstellen en tekeningen fan bern, ferslaggen fan de hjerstútstalling en in hurdrinnerij, in puzzel, it oersjoch fan de jierdagen en oare hichtepunten yn novimber. Plus in redaksjoneel stik oer in trui dy’t algeduerich aan ’e kapstok hingjen bliuwt. Se is inkeld noch wat blêdfolling brek. Dêrta brûkt se de útdrukkings fan learlingen. Dy kinne it sa smout opsizze. Mar diskear nimt se materiaal dat Nier oanlevere hat. In listje mei skriuwflaters yn sinnen fan diktees, of wat in pear learling-en net goed ferstien ha. Guon âlden sil it wol wat boppe de pet of oer de skreef gean. Sokken moatte dan mar gjin skoalkrante lêze.

Anna zinkt mooi.

De vermoeide wandelaar vlijde zich in het mes.

Het meisje nam hatelijk afscheid van haar tante.

De pianist begeleidt de beroemde zageres.

De reiziger verpaart zijn tijd, daardoor mist hij de trein.

De brievenbesteler licht de bus.

Het vurige paar steigert van ongeduld.

De bedelaar bedelt om een kleine geit.

Dynte ramaait op de âld skriuwmasine om. Se fielt har krekt in klokkespulbespiler. It ding docht it net sa goed mear. It slacht wolris in lettr oer. Bytiden ferspringt it, sûnder dat it moat. It slacht twa tekens krekt fekreard om oan. Of it mjukset alle letters rchotoarin. Se moat hieltyd mei neillak op de misslaggen stipje en dan oernei tikje. Se sil in ekstra kredyt foar in nije skriuwmasine oanfreegje. Dat is gjin oerstallige lúkse. As it mar net ûnder it ressort fan Henk-JanWillem van Pompom falt. Uteinlik kriget se de grappige sitaatsjes dochs netsjes op it blêd.

Sisa, se draait it stensil derút en triuwt it deksel oer it rykrak. No noch de administraasje bywurkje.

‘Hasto ek moaie memmen hân?’ freget Nier, wylst er deryn komt.
 ‘Nee, wol moaie heiten.’
 Earst praat er der noch op om, dan bringt er it hangizer op ’t alje-
 mint. ‘Sille wy it no mar oan ‘e plysje oerjaan?’
 ‘Bist net wiis? Myn skoalle yn opskuor. Plysjes oer de flier, bern
 útharkje. Hermien Kaaskanker en har folk it fjoer nei oan ’e teannen
 lizze. Ald sear iepensnije. It hele doarp yn de neurose smite. Komt
 neat fan yn!’
 ‘Mar der is hjir in dûbele moard bedreaun. In rôfmoard.’
 ‘Wês mar net benaud. As it wearde hie, wiene wy al lang fan kant
 makke.’
 ‘Wat wolsto dan?’
 ‘Earst in ekspertise meitsje litte.’
 ‘Troch wa?’
 ‘Troch in ekspert.’
 ‘En dan?’
 ‘Sels útfine oan wa it takomt.’
 ‘Lit ús dêr no mei begjinne.’
 ‘Nee, yn ‘e krystfakansje.’
 ‘Bist syklik ferslingere op dyn skoalle, hen?’
 ‘It is myn libben, jonkje.’
 ‘Hoe lang noch? Aanst bist kroandea.’
 ‘Soest wolle.’
 ‘Miskien hie ik dan mear wille. Bist no krekt in iisberch. It moaiste
 famke fan Antarctica. Ik kin likegoed mei in djipfrieshin op bêd
 gean.’
 ‘Der leit noch wol ien yn ’e koelkast.’
 ‘Sa’nent kin teminsten noch ûntteie.’
 ‘Ferjit net it pûdsje mei yntaast derût te heljen.’
 ‘Ferdomme, Dynte, kinne wy tegearre net wat mear wille meitsje?’

‘Hearst my net skatterjen?’

‘Seks is it ienichste dêr’t men wille by hawwe kin sûnder te laitsjen.

Dat is in pluspunt.’

‘Mar ik haw der gjin nocht mear oan. Dat is it minpunt.’

‘Us leafde stiet op it nulpunt.’

‘En do bist in mispunt.’

Even adempauze. Ynienen spat se op.

‘Wat tinkst wol? Dat it foar my sa noflik is en wurkje gear mei sa’n neatnutter as dy? Ien dy’t de kantsjes derôf rint. Ien dy’t noch te beroerd is en gean mei wat nijs te set. Do kearst de hele ûntjouwing fan myn skoalle tsjin!’

‘Ik lear de bern har te hâlden en te dragen. Dan wurdt it gjin beesteboel en ferfele se har net.’

‘Dyn gesach stuollet inkeld op oerwicht en dyn lesjaan is prehistoarysk. Behellest noait de hjoeddeiske wrâld yn dyn ûnderwiis. Dyn skiednis bestiet út jiertallen en dyn ierdrykskunde út topografy. Ynstee fan ûnderwerpen te behanneljen dy’t aktueel binne. Underwizerwêzen is gjin berop, it is in libbenswize!’

Nier glimket meilydsum. ‘Ik frege my al ôf: wêrom stiet Dynte sa spand foar de klas? No wit ik it. Se is oerspand.’

Wammes, dêr saait in fleanende skûtel op him ta. Hy kin him noch krekt dûke. It romtefoarwerp ferûngelokket op de list fan in skilderij mei in snielânskip. Dêrnei kwakt in kaktus tsjin de klok. It sop kwitst by de muorren op. In bokaal, in jiskebak, it skaakboerd en twa skimerlampkes folgje. Dynte stiet dêr as in wraakgoadin. Mei hymjend boarst, skom op ’e lippen, reek út ’e noasters, wjer-ljochtsjende eagen. Nier is de rots yn ’e brâning.

Adempauze. Ynienen wurdt se wer minsklik.

‘Ik gean fuort!’

‘Nee, ik!’

‘Nee, ik!’

Om’t Dynte net fuort giet, docht Nier it mar.

Bûtendoarren miggelt it. Hy stapt mei in sin as in baarch troch de buorren. Op de Kweekskoalle is it him al bybrocht. Troch in fyftichplusser dy’t eins breanedich mei ferfoarlike pensjoen moast.

Wa’t in situaasje net oermânsk is, rint der mar út. Dy rie hat er no opfolge. Mar it kostet wol in poarsje selsopoffering.

Hy heart stappen achter him. Dynte? Kristensiele, noch minder! Syn earste impuls is om de sokken deryn te setten. Gelokkich docht er dat net. Dan soe er helendal yn ’e kikert rinne. Dêrom set er de stap deryn. Net daliks folút, by elke pas it tempo justjes opfierend. Hy doar net mear oer it skouder te sjen. Hy strûst troch ljochtsirkels dy’t lantearnen op it wiete asfalt smite.

Hy wurdt opheind en trochjûn.

Even swevet er oer swart wetter, dan tipt syn foet in nije ljochtrûnte.

Mar dit is gjin fertrage film foar in artystyk effekt. Dit is bloedige earnst. Syn skaadbyld hellet him yn en stoot foar him út.

Achter him wurdt de roffel flugger en fûler. Spikers knerstoskje op ’e dyk. Nier drafket net mear, hy fjouwert. Hy fljocht de brink oer op in tsjerke ta. It jout net welke. It hûs des Heare sil him hoedzje. Mar hy kin it net iens befiterje, hy wurdt opkeard. De duvel is rûnom.

Nier springt fansiden. Oer in hage troch in blomperk by in beam lâns oer in tûke op in muorre om in tún nei in hok oer in tonne achter in sket neist in hûs ûnder in ôfdak tsjin in doar.

Mei it skouder stompt er dy iepen en rint in gloppe yn. Blynseach iepent er in doar, skoot de skoattel ticht. In amer rattelt oer de stiennen. Hy stapt yn in groppe. De holle sjit him tusken de spilen fan in ruif. Hjouwer priket him yn ’e noasters. Hy stiet op ’e stâl, hy is teplak. Griljend siicht er yn it strie del.

Syn sicht fertsjustert. Ien sunich pitsje brânt noch. It ljocht slingert

op him ta. In skym wevet oer de wite muorre fan in gong. Hy heart sjoelfuotsjen. Yn it fljouwerkant boppe in ûnderdoar ferskynt in boerefaam, swaaierend mei in stâllantearne. Rubensachtige wielderichheid yn Rembrandtesk clair-obscur. Se steekt in earm fierder nei foaren. It ljocht tipt oer de grûn. Dêr makket se de ûnderdoar iepen. In grouwe stins yn miny-miny. Se hat inkeld in kile oan. Hy sjocht by twa kolossale pylders op. It perspektyf ferrifelt him net. Se binne boppe-oan noch dikker. Massyf stiet de pastorale timpel oer him. De kile falt iepen. Twa geweldige Maagdenburger heale bollen mei hânfetten eagje op him del.

Nier lûkt mear strie oer him hinne. Hy wol syn gesicht ek noch weimoffelje. Mar se hat it al sjoen. De mûle sakket har iepen en bliuwt waachwiid stean.

Hy bringt in finger nei de lippen. ‘Ssst.’

Op dat stuit fljocht de bûtendoar suver út it kezyn. De planken bûge nei binnen ta. Fûsten rammeie de taflecht, poaten beskoppe it frijplak. De faam gjalpt en slacht in hân foar de mûle.

De bestoarming wurdt even ûnderbrutsen. ‘Iepen de poart! Iepen de poart!’ easkje de oanfallers. Dan ferfolgje se de belegering. De hynstestâl skoddet op syn grûnfêsten. Skruten sleepfuottet de faam nei de doar ta. Tusken twa oanfalsgolven yn makket se dy in hânbree iepen. De stjittroepen falle binnen. Mei it liif skermet se fierdere tagong yn ’e stal of. Se hâldt de lantearne omheech. It skynsel falt op twa gaudieven.

‘Wêr is dy hufter?’ graut Ros Drinkwater.

De faam makket it V-teken.

‘Twa? Twa hufters?’ snaut Kaak Harington.

De faam knikt.

‘Wêre?’

Har finger wiist op-en-deljend nei de grûn.

‘Hjirre?’

Se knikt wer.

‘Wêr dan?’

Se rjochtet in wiisfinger op Ros en dan op Kaak.

‘Wat seist?’

Se pripktet de finger fierder foarût.

‘Binne wy hufters?!’

Se lûkt oan ’e skouders.

‘Sis dat nochris!’

Se skodhollet.

‘Dêr silst foar bliede moatte!’

Se iepent de hân en makket in beweging fan ôfwar.

‘Wat wolst, in watsjekou?’

Se beskermet it gesicht mei in earm.

‘Of in deaskop?’

Ros en Kaak sille har op ’e hûd springe. Noch krekt op tiid kin se twa fingers yn ’e mûle stekke. Se fluitet skril. In meunster fan in bloedhûn davert troch de gong de stal yn. Syn bek gappet inkeld toskten.

Triljend set er him skrep, ree foar de sprong.

De oantaasters witte net hoe fluch se de kloeren by har hâlde moatte.

Se stekke se mar gau yn ’e bûse. Dat bylket wat freedsummer. Se binne ommers yn alle silen mak. Se soene by need yn ’e grûn sakje wolle, of yn ’e loft fleane. Swijend drippe se of. Se stekke sels noch even in slop hantsje foar ôfskie op.

De faam set de lantearne del en skoattelt de bûtendoar wer. Mei de eagen stjoert se de hûn werom, lûkt achter him de binnendoar ticht.

Se kriemt en sjoelt op Nier ta.

Hy komt oerein. Hy spriedt de earms yn in alles omfiemjend, alles útstoartend gebear. ‘O lân fan molke en huning,’ resitearret er lyrysk.

‘Ik sjong de simmer, ik sjong de roazen, ik sjong de roazen yn de sim-

mer fan dyn lea!’

‘Noli me tangere!’ gnaut se him ta.

Hy ferstiet it net, mar begrypt it wol.

Hy jout him ôf. Mei stive fingers fimelt er de bûtendoar los.

Hy dûkt it tsjuster yn en makket skonken. It miggelt mar troch.

De oare deis by it moarnsiten freget Nier: ‘Hast ek dokumintaasje-
materiaal oer Andorra foar my?’

‘Oer Andorra?’ herhellet Dynte fernuvere.

‘Do lêst de kranten toch sa goed?’

‘As ik it oan tiid haw.’

‘Yn Andorra is in boargerkriich útbrutsen. Ien partij dy’t it lân by
Frankryk ha wol, in oare is foar oansluting by Spanje. In tredde foar
folsleine ûnôfhinklikheid. Achttûzen flechtlingen, it lân rint leech.
Grinzen ôfsletten, diplomatike betrekkingen ferbrutsen. Andorra is
wrâldnijs.’

‘Dêr wit ik neat fan.’

‘Dat fernim ik. Mar ik wol der oaremoarn les oer jaan. Ha wy gjin
boek yn de personeelsbiblioteek?’

‘Net oer Andorra.’

‘Hè, wat ferfelend no,’ suchtet er. ‘Ik wol modern aktueel lesjaan en ik
haw gjin achtergrûnynformaasje.’

‘Meist wol in boek oer Andorra oanskaffe. Bestel it mar.’

‘Dan krij ik it oer fjirtjin dagen as alles foarby is.’

‘Gean hjoed mei nei Grins. Dêr kinst it keapje.’

Dat docht Nier. Se stappe yn ’e âld ein en waggelje nei de universi-
teitsstêd. Alle ferkearsljochten binne sa ôfsteld, dat se krekt op
read floepe as sy oankomme. Gjine griene golf. Nier moat hieltyd
pompem remme. Ien fan de ljochten op in krúspunt moat er fjouwer
kear foar wachtsje, foar’t er by de stopstreek stiet. Hy komt hast ta de

sliiep. In homearysk klaksonkonsert achter him. It ljocht is grien, hy moat oplûke. Einlings en te'n lêsten kin er de auto op in parkearplakje wringe. Geandefoet stekke se fierder de stêd yn. Dat avensearret ynearsten folle better. Mar al gau reitsje se tusken de minsken fersyld. Dan eint it net mear. De fernoegens fan in grutte stêd.

‘Wêrom moatst no beslist nei dy professor ta?’ prottelt Nier. ‘Yn Haren wennet ek wol ien yn de mineralogy. Dy is heechleraar.’

‘Dizze is bûtengewoan heechleraar,’ seit Dynte.

Se bedarje middenyn in protestdemonstraasje fan studinten.

Oproerplysjes besykje omdoch de boel yn ‘e stokken te hâlden. De aksjegroep liket mear in presjegroep. Se wurde letterlik plat treaun. Dranghikken bejouwe it. In rivier fan demonstranten wielet troch de iepening. Dynte sjocht noch hoe’t de stream Nier optilt en him in boekwinkel yn spielt. Sels driuwt se rjochtút, har fuotten reitsje amper de grûn.

Gelokkich bliuwt se in ein fierder mei de rok achter in postbus stykjen. Mei alle geweld klammet se har oan it ding fêst. Wylde minskebaren slaan om har hinne. As in teraffole skipbrekling hinget se oan har flot. Tommelweagen krije har net los. De balkebrekker raast fierder. De postbus stiet op krûme poaten in fearnslach draaid. Dynte hat mear gat as klean oan, mar no kin se nei it plak fan bestimming ta.

De professor wennet op nûmer 362 fan de ynternasjonale nijbouwyk yn de Seigneur Winston Churchilllãno. In beamlease flakte mei pûsten fan bungalows. Se komt by in sânkleurich bultsje, in heale meter heech. Dat is de yngong fan syn ûndergrûnsk hûs. Der sit gjin

doar yn, wol in graniten lûk. Dêrop stiet yn letters fan reade fjildspaat
HEEREGOTT-MINERALOOG.

Dynte drukt op in knop fan berchkristal. It lûk kantelt. Foar har teannen gappet in tsjustere dijpte. Wyt ljochtsje treden fan krytmergel op. Swietlûdige Hawaiiimuzyk azemt har temjitte. Se giet by de treppen del. Starichoan wurdt it skimerich. Fan alle kanten sipert dreamerich ljocht troch pumstiennen drapearje. Blauwe skynsels komme byinoar yn it midden fan in laaien hal. Yn it snijpunt, oer de flier, in tropysk fanke yn kleanmakerssit. Moai as in sierpoppe. In minym fosforesearjend reiden rokje omkrânzet de heupen, op de punttitten in fluoresearjend blomke. Barnstiennen skiven tinkelje oan de earen. In weemeitsjende geur stiigt út it heechoppige hier. It wyt fan har eagen fosforesearret ek. Se knippert sa bluisterich en starich mei de teisters, dat Dynte begjint ûnwillekeurich te tellen.

‘Prrr,’ reauntet it fanke mei in eksotysk lûd. ‘Ik sjoch jo binne hof-fene. Hoe’t jo eagje. Alles yn ’e bulten. Skewiele kin ik jo?’

‘Dynte Planteit. Ik haw mei de professor ôfpraat.’

‘Soa, mys Planteit, hoe is ‘t mei jo, tanke. De prrofessorrr tidiget op jo hoe let, ja?’

‘Kertier foar trijen.’

‘Muoit my sa. Jo neidrrripperrr oerrr de tiid wêze.’

‘Dêr koe ik net foar. In massa-demonstraasje hat my opkeard.’

‘Nei fjouwerrren lûkt it. Prrrofessorrr drrrok fleanende.’

‘Sis him dat ik der bin!’

‘My net kwea in amerrrijke ôf nimme.’

Se lit har lippe-rrrs as bakkerts út de mûle yn in sprekbus rolje. De eachteisters bliuwe har in skoft oer de wangen hingjen, se liket in slieppoppe. Ut de sprekbus krôket in boer. ‘Oooh, aaah, siiii,’ weinet se. Dan leit se de hannen tsjininoar, stekt de earms omheech en komt

heupwigeljend oerlangsum oerein, as wurdt se oan in ûn-sichtber toutsje oplutsen. Se gappet sinlik en knipt in elektrise fakkel oan. 'Folgje, asjebleaft, jo my? Tink om it ôfstapke, ja?'

Poepertsjedraaiend set se starich fan ein.

Se laat Dynte troch skimerige ûnderierdse gangen fan wite kalkstien. Flearmûzen bongelje as goare flachjes oer har hollen, flinters teare de feestlike wjukken iepen en ticht. Moas en skimmel bespikkelje de muorren. Tusken swiere stiennen gerdinen kronkelje tinne spiralen. Stalaktiten drippede, stalakmiten sypje en foarmje in oargelpiip. In bosk fan oargelpipen yn in tsjustere fochtige wrâld.

It fanke hâldt by in heldere fiver, dy't grien ljocht jout. Se stapt yn in roeiboatsje. Op de kop binne foar it nachtfarren eagen skildere. Se stekt de fakkel yn in huls, krijt de riemen en set Dynte oer. In waaiervoarmich spoar huvert oer de stille spiegel. Se lizze oan op in smel grintstrân. Fierder giet it troch healtsjustere grotten fan kalkspaat. Dan fernimt Dynte spatterjen. Jaden fingers krûpe út in rotskleau, klauwe tusken wiete stiennen, tyspelje oer in richel. In streamke op 'e siik nei it deiljocht.

Troch in poarte mei rotstekeningen komme se yn in ljocht ferwulf. Dêr stiet in almachtige stellaazje. Boarreljende retorten, wazemjende kommunisearjende fetten en skodzjende reagearuizen. As in blaumich tysket in ierdgeast om de steger hinne. Hjir lûkt er in hendel oer, dêr triuwt er in slange yn, wylst er yn 't foarbygean op in pedaal trapet. Syn aktiviteiten wurde tûzenfâldich wjerkeatst yn spiegels. In einleaze fabryk mei ûntelbere gelikense arbeiders. As de kobold Dynte sjocht, skuort er oan in ketting. Meiiens hâldt de distillearderij stil. Hy wriuwt de hannen oan syn wyt himd droech. Bryknekkich bûgjend komt er op har ta. Hy hat in meloenfoarmich holwurk mei in tûfke derop en in machtich rustread burd derûnder. De eagen sitte him omtrint oan de sydkant fan it gesicht. Syn brede

platfuotten stekke yn houten sandalen, de teannen steane útinoar mei swimfluezen dertusken. Hy stekt har in hân ta dêr't alle fingers like lang fan binne.

'Earegott,' seit er, 'wa aw hik foar?'

Dynte makket har bekend.

'Miz, lit hús hallinnich,' kreaket er.

It eksotise fanke jout har ôf en wurdt wei yn in tsjustere nis. Lang stoarret de professor Dynte oan.

It oansjen fan dit skoandere boppe-ierdse wêzen ropt by de grotgelearde in swiete ûnwittenskiplike gedachte op. Hy stekt der mar in lange kalken piip by oan. Mei de ûnderkant fan in lúsjeferdoaske triuwt er in pear skroeiende tabakstriedsjes yn de kop werom. De gedachte ferfleant as reek, driuwt op in kolf ta, draait der as in serpentine omhinne en ferswynt yn de hals. Dan wol it plomke der wer út. Te let, de stop falt derop.

'A jo hit by jo?' freget er lang om let.

Dynte lûkt in lyts ponkje tusken har boarsten wei.

Se makket de knoop yn it koardsje los, fisket mei wiis- en middelfinger. Se knypt de hân ticht. As se him iepent, leit dêr in wûnderfrjemd stientsje yn.

Heeregott byt op 'e tosken, de pipe klettert oer de flier. Hy hâldt de holle noch briker, sjocht tagelyk nei ûnderen en nei boppen ta. Foarsichtich, mei fingers sa rjocht en stiif as in pinset, pakt er it stientsje oan. Hy leit it ûnder in mikroskoop. Ut in pipet lit er ien driip floeistof op it stientsje falle. Ynienen strûpt de doffens derôf. It liket oft in blom har iepentear. It stientsje is eachferblynjend. Sa suver en sa sterk, dat it hast sear docht. In kleur dy't har gelikens net hat. Ljochter as read, dûnkerder as giel, kâlder as blau.

'Wat is it?' freget se heas.

'Hik wit hit noch net wis,' hikkert de professor.

Hy besjocht it stientsje troch it okulêr.
 ‘Triagonaal kristalsysteem.’
 Hy lit der in nuddeltinne ljochtstriel op skine.
 ‘Brekking yndeks 1,28: 1,32.’
 Hy draait in minuskúl bankskroefke oan.
 ‘Urdens 6,75.’
 Hy weacht op in goudskealtsje.
 ‘Tweintich karaat.’
 Hy mjit mei de kubike mikrometer.
 ‘Soartlik gewicht tusken 3,98 hen 4,27.’
 ‘Mar wat is it no eins?’ wol Dynte witte.
 ‘Fjirde primêre kleur.’
 ‘Hat it ek in namme?’
 ‘Sekundêre stien fan de wizen.’
 ‘Kinne wy no goud meitsje?’
 ‘Halle hûnbesteanbere kleuren.’
 ‘Soa,’ seit se.
 Hy ferwaarmet it stientsje, hâldt der in siden lapke by.
 It doekje wurdt him troch in ûnsjenbere macht út ‘e fingers lutsen en
 bliuwt yn ‘e loft hingjen.
 ‘Helektrostatysk!’ jubelt er.
 ‘Soa,’ seit se.
 De professor kriget in âlde foliant. Hy blaast it stof derôf, slikket de
 tomme wiet en slacht de perkaminten siden om. ‘Heureka!” ropt
 er út. ‘Gemise gearstalling fan borium- aluminiumsilikaat H2AL/
 BoH) 2sr4ol9’ kiezelsoer sroz mei i6 persint wetter, plus de krypto-
 kristalline kwartsen FES2 izersulfide, markasyt, feitlik piryt hen
 malagyt, koperkarbonaat cuco3cu(OH) 2.’
 ‘Soa,’ seit se.
 ‘Legendarise twadde kâlde primêre kleur,’ giet de professor fierder.

‘Like wichtich has fjirde diminsje. **Zim**, hit his hin **zim!**’

‘Watte?’

‘Hin zim, zeer himagenair mineraal.’

‘Moai,’ seit Dynte. Se snaait de zim ûnder de mikroskoop wei.

‘Eila, eila, eila!’ protestearret er. ‘Hoch earken, hik maat hit hearst noch hyngend ûndersykje.’

‘In oare kear.’ En se warskôget: ‘Tink derom, professor! Jo binne de ienichste op ‘e hele wrâld dy’t hjirfan wit. As in oarenien it wiis wurdt, wit ik dat jo it ferklikt ha. Dêrom, as jo ûnstjerlik ferneamd wurde wolle, swij as it grêf. Dan kinne jo ynkoarten foar fierder wittenskiplik ûndersyk frij oer myn zim beskikke.’

Berêstend lit Heeregott de holle hingje. ‘Hôfpraat,’ ûntjit er har. ‘Hik sil hearst hin nije ypotese hoer hit kleure-fjouwerkant hopstelle.’

Dan folget er syn wurk oan it ynstrumintale servysguod en jout Dynte gjin omtinken mear. Miz dûkt út in nis op. Dy laat har út it hoal fan de ierdgeast.

‘Tink om it opstapke, ja, prrr?’ reantet it fanke as se einlings yn de hal binne. Se set har yn kleanmakerssit oer de flier del en ferstienet. Dynte rint by de treppen op. It lûk kantelt achter har ticht.

De strjitten binne fol manlju, dy’t meiskuord wurde troch hûnen.

Foariten noch even in slach om mei it húsdier. Op ‘e hoeken giet it op in fjochtsjen. Elk syn hûn docht neat, mar stiet ûnderwilens mei bluodderige eagen en in befol hier.

Foar de boekwinkel yn it sintrum sit Nier. As er har sjocht, komt er houterich oerein, mar hy ferset gjin poat. Hy hat te lang wachtsje moatten. ‘Bist dêr al?’ freget er oerstallich.

‘Bisto slagge?’ freget se moedich.

‘Inkeld in stikje út in ensyklopedy kopiearre.’

‘Koest gjin boek krije?’

Hy skodhollet mismoedich.

‘Ik haw by alle boekwinkels fan Grins west.’
‘Hiest nei de universiteitsbiblioteek gean moatten.’
Dêr giet er net op yn.
‘Ik haw mear te melden,’ fertrout se him ta.
‘Wat is it?’ freget er sûnder niget.
‘In zim,’ flústert se optein.
‘O,’ seit er.

Tegearre sette se de stap deryn. Dynte soe wolle, dat er in earm om har skouder lei. Mar hy docht it net en hy is sa stil. Se binne no al bûten it sintrum en net mear ûnder it folk.
‘Tink ris ta, wy ha in zim! Ienich op ’e hele wrâld! In stientsje mei de fjirde primêre kleur! En alles watsto seist, is:
O. Wêrom fregest net ierder?’

‘Ik tink oan alles wat wy net mear ha,’ andert er.
Dynte sjocht nei de bleke loft oer de heechbou. Se ferliest harsels yn pearse wolkjes sûnder in sulveren rântsje. Se siket omdoch nei de foarstellings, dy’t se dêr in jier lyn noch yn seach. Stikken bouryp lân bloeie yn al har deadskens. In dragline docht fertwivele writen en reitsje út it gat, dat er sels groeven hat. Dat sjocht se noch wol.

Dynte stiet middenyn it nagelnije spul-wurklokaal. It is oardel moanne te let oplevere, mar dat hie se al ynkalkulearre. In pear oeren lyn hat de ryksynspekteur, Bolk Jammerhout junior, it offi-sjeel iepene. Syn sprekstuolte is no ferlitten, alle lju binne fuort. Se genietet fan it bouwurk dêr’t se sa om skrept hat. Wat in earmslach, wat in utillaazje, wat in ferfrissing fan it ûnderwiis! Se hat no al foarwille. Hjir kin se mei de bern gymnastykje, as it te min waar is

ANDORRA Een kleine boerenrepubliek in de Pyreneeën tussen Frankrijk en Spanje. Oppervlakte 453 km², 20.000 inwoners (44 per km² hoofdstad Andorra la Vella (5500 inw.). Staat onder gezamenlijk toezicht van de president van Frankrijk en de Spaanse bisschop van Seo de Urgel. Klimaat: zachte winters, koele en vochtige zomers. Naald-wouden op de berghellingen, weidegronden in de dalen. Bestaan uit: runder- en schape- en veehandel, vreemdelingenverkeer, smokkelhandel en verkoop van postzegels. Ook enige landbouw: granen en tabak. De bevolking is rooms katholiek en spreekt Catalaans. Woonachtig in het stadje Andorra en negen dorpen. Munteenheid: Frans en Spaans. Jaarlijks moet een tribuut van 960 francs en 460 peseta's aan resp. de Franse president en de Spaanse bisschop betaald worden. Een beklagde kan, naar eigen keuze, terecht worden door een Franse of een bisschoppelijke baljuw. Hij heeft recht van hoger beroep op het hooggerechtshof voor Andorra te Perpignan, of het bisschoppelijk hof te Seo de Urgel. De volksvertegenwoordiging telt 24 leden en wordt voor 4 jaar gekozen. Deze Algemene Raad van de Dalen benoemt een Eerste Syndicus en een Tweede Syndicus, waarin geen leden uit eigen midden mogen worden aangesteld.

foar it plein of gersfjild. En mei klaai wurkje. De wyksluting hâlde. Beweging en muzyk yntegrearje, oan dramatise ekspresje dwaan. De doar swaait iepen. Trije mannen stappe har mearke yn. Gjin kabouters. Grutte honten mei in nylonhoas oer de kop en in karabyn yn 'e kloeren. Twa geane elk in kant út, bliuwe skean oer har stean, it wapen yn 'e oanslach. Fûle eagen boarje troch kykgatten. De noastip stekt troch in luchtgat. Automatys stekt se de hannen omheech. Op skouderhichte, de palms nei foaren. Dat sjogge grutte honten it leafst. Se slokt. Dit is har dramatys genôch.

De tredde man giet nei it sprekstuolte ta. Hy set syn tas tsjin in poat, syn karabyn leit er op de lessener. Hy hat ek noch in sprek gat yn de nylonhoas. Skean oer syn smelle lippen sit as in splinter de wite groede fan in jaap. It liket oft er wat sizze sil, mar der komt neat. Hy slacht de ears oerinoar en stoarret Dynte oan. Swit priket har yn 'e nekke. 'Ik hâld net fan aggressive ferkeapmetoaden,' bringt se út.

Noch swijt de sprekker. Syn stjereagjen snijt troch har hinne, se begjint te triljen. Hy stekt de ears út en bûcht him foardel. Syn bewegings binne dy fan de melodramatise skoalle, oerdreaun, mar Dynte huvert. Hy kriget papieren, formaat 34, út syn tas. Dy flotset er ien foar ien op 'e lessener. Hy leit de karabyn as presse-papier der oerhinne.

Ynienen knarst in lûd tusken syn tosken troch. It heart oft in kroade oer grint rydt. 'Jo binne ferdivedaasjefamke?'

Se andert net.

Hy seit syn fraach wer. De kroade is in boerewein wurden. 'Ik bin ûnderwizeres, haad fan dizze skoalle.' De stim slacht har oer. Dêr hat er aardichheid oan. Hy hâldt fan sokke effekten en nokkert fuis. 'Jo binne ferdivedaasjefamke en gjin minnenien. Ynternasjonaal

ferneamd. De Amerikaan Jimmy Angler, wrâldkampioen skaken, en de Dútse baron Pappsack ha jo te brûken hân.'

'Kom mar mei de klompen yn 't spul.' seit Dynte. Har stem is no fêst, mar knarst lykas sines.

'Sjantaazje, jild, hoefolle?'

De man bilet troch. 'Jo mjitten binne 93-60-93, langte 1.71?'

'Al ieuwen,' raspet se.

Mei it plechtige gebaar fan in fersekeringsman dy't in polis en oanhingsel sjen lit, hâldt er twa printen omheech. 'Hjirsa.'

Syn helpers stappe har fluch op 'e side. Se fielt in karabyloop yn 'e rêch.

In oarenien skampet even de sliep, wurdt har dan yn 'e nekke plante. Se moat de spitsroeden rinne, knikkebillet op de man ta.

Twa foto's. It foar-en sydoansjoch fan in bleat jongfrommes. Sa saaklik as de portretten dy't de plysje fan misdiedigers makket. De kardinale mjitten binne mei pylkjes njonken de kardinale punten prime. Pasfoto's út har eigen geheim dossier. Se hat der net goed op past. Unwillekeurich stekt se in hân út om har byltnissen te pakken. De loop fan de karabyn draait yn har nekke.

De man nokkert wer. Hy hat it yn streken. 'Ferskuor mar,' smûcht er. 'Wy ha kopyen by de rûs.'

Se lûkt de hân werom, wankelt. 'Doch dat ding út myn nekke,' gibet se.

De man lûkt de lippen fan inoar. Se sjocht twa rigen puntige haaie-toskjes. De loop skoot nei ûnderen ta. As jo net om lyk wolle, steane moarnier dizze foto's yn alle kranten. De gefolgen binne foar jo.'

It striefjurke fan it lêste ferset gloeit noch even op.

'Dat aventoerje ik.'

'Dan haw ik noch wat achter de hân.' De man lûkt starich in swart boekje foar it ljocht. Dynte har eigen memo mei nammen en adressen fan alle klanten. Dy meie net heal iepenbier makke wurde. Dat

heart ta de koade fan it fak. Se beseft dat se der no net foarwei kin. It striefjurke is út.

‘Wat moat ik foar jim dwaan?’ freget se berêstend.

‘In minister beselskipje.’

‘In minister?’

‘De minister fan Ambulante Saken.’

Se slokt. ‘Dy sil my net iens ûntfange wolle,’ bringt se út.

‘Hy sil wol moatte.’

‘Dat doch ik net!’

Mei-iens sjit de loop fan in karabyn har nei de strôte. Se skrillet tebek.

De oare loop stekt har yn ’e rêch. Se kin inkeld op ’e teannen stean.

Dan spilet de man syn lêste troefkaart út. Hy lit har in tsjinstslûf sjen. Se wit al wat deryn sit. In fotokopy fan de boufergunning. Se priuwt bloed en jiske. Se wurdt tsjin Henk-Jan-Willem útspile.

Dûbele sjantaazje, dat is har noch noait oerkaam.

‘Wêrom moat ik de minister befrije?’

‘Wy wolle ynljochtings.’

‘Wa is wy?’

‘It Ynternasjonale Befrijingsfront.’

Der is gjin ferwin op.

‘Akkoart. Jou my ynstruksjes.’

Swierich deponearret de man syn attributen yn ’e tas werom. Mar de foarstelling is noch net ôfrûn. Hy brûkt syn karabyn as gûchelstok en wiist dêrmei op har hert. Syn maten lûke de lopen fan harôf. Har hals sit in ôfprint yn.

‘Sa better?’ freget er, sûnder op antwurd te wachtsjen. Hy makker syn wapenbroeders bekend.

‘Dat is Pol Verdromme út België.’ De lytste fan syn helpers knikt djip, it koartknipte stikelhier stekt troch de nylonhoas hinne.

‘Nils Desperandum, Sweden,’ wiist er mei syn frije hân. De grutste

bliuwt ûnbeweechlik stean. Tûfen flaakshier golve him oer de skou-
ders, krekt Erik de Noarman.

‘Ik bin Kurt Isane, bûnsrepublyk Dútslân. Wolkom yn ús fermidden,
Dynte Planteit út Fryslân. Dit is de earste opdracht: kom fan ’e jûn
om tsien oere by de bushalte oan de dyk nei Beursinge.

Allinnich en sûnder ferfiermiddel.’

Hy stekt de tas under de iene earm, de karabyn ûnder de oare. Hy
knikt, klikt de hakken en set ôf. Pol en Nils hâlde har achterútrin-
nend ûnder skot. By de doar draait Kurt him noch even om. ‘It seit
himsels, dat elk besykjen om de plysje deryn te beheljen foar jo rek-
ken is,’ hâldt er har op ’e hûd. ‘De gefolgen binne deadlik.’

Dan ferlitte de artysten it toaniel. De doar klapt ticht.

Dynte bliuwt noch in skoft stean. Se kin de earms hast net nei ûn-
deren krije. Iderkear sjitte se wer omheech. Mei leaden skuon giet se
nei it skoalhûs ta. Fan de oerfallers gjin spoar mear.

Nier stiet him foar de spiegel op te dwaan. Dat docht er oars noait.

‘Wêr sil dit hinne?’ freget se.

‘O, op hûsbesyk,’ andert er sa luchtich mooglik. ‘Deeltje hat oanpass-
ings-swierrichheden.’

Se rint achter him lâns nei de húskeamer en komt werom mei in tros
druven.

‘Hjir, jou dit oan dat bern.’

Hy is sa besteld mei eigen sosjaal-maatskiplik wurk, dat er har ferbûke
útdrukking net sjocht. Dat spyt har neat. Se giet by de trep op.

‘Oant sjen!’ ropt er en swaait mei de pûdfol druven. Syn lustige
widdo wennet oan de oare kant fan it doarp. Gelokkich dat it mar in
gat is.

Fiif minuten letter stiet er by har op ’e stoep. Syn finger is noch net
fan de bel, as de doar al in hânbree iepengiet. Geertrui kipet om it

hoekje. Se docht writen en sjoch net al te begearich. Dat slagget har mar heal. Har twinkeleagen happe him op.

‘Do? Wêrom hast net belle? Ik bin net foar praters klaaid.’

‘Des te better,’ seit er earlik.

‘Kom deryn.’

Dat docht er. Se hat in swarte maillot en in ferfilte trui oan.

Gjin omskot dat meastal goed bylket, mar de ynhâld oerhellet alles.

Se bringt him yn de organisearre gaos fan de keamer. In sitkûle mei in fracht kessens en in glêzen tafel, dy’t omtrint ta it ankel rikt. Dêrop in kuorke mei stuten en boltsjes. In glês sûpe. En in lang tsjirmerich faaske mei ien roas.

In poedel mei in kealskeard kotsje grânzget de toskan bleat. Hy sjit fan syn neplearen stoel ôf en wyndert Nier om ‘e skonken.

Dy hat gjin hekel oan hûnen, mar wol oan poedels en skoathûntsjes.

‘Trubbel, teplak!’

Mar Trubbel wyndert troch. Se pakt him resoluýt by it nekfel en set him yn ‘e kast. Nier jout de druven.

‘Even ôfspiele,’ seit se en ferswynt troch in doar.

Hy wachtet. Hy heart it ratteljen fan diggelwurk en it spoekgûlen fan Trubbel. It skimert oan. De wyn rûzet. Keale tûken tikketakje tsjin de ruten. Dêr komt Geertrui werom mei in blêdfol cocktails, petits fours en súdfruchten. In tinne hûspiama bejout him maklik ta har smedige lea.

Nier slikket him de lippen. In frou om jin te’n goede oan te dwaan.

Se sette har del. Se nippe mei de earms yninoar heakke en fuorje mekoar it lytsfoer op. De druven binne soer. Dy litte se lizze.

‘Wy moatte ris prate,’ begjint er.

‘Dat dogge wy toch al?’ glimket se.

Se skinkt nochris yn, swait grasjeus mei de flesse, de hals reaget by de glêzen lans. Dy kiperje. It kostlike focht dript fan de tafel en lûkt

yn de popelmatte.

‘Ik bin ek sa’n senuwsjeas,’ suchtet se.

Se giet nei de keuken en helleet in doek. Dêrmei dipt se it plak. Dan skoot se neist him. Se smyt de holle achteroer en sjocht him ûnder de eachteisters troch oan. ‘Wat boargerlik, hen? Daliks de boel behimmelje.’

‘Ja,’ andert er, ‘mar it byt inoar net.’

Ien fan har wynbrauwen bôget as in fraachteken omheech. ‘Wat mienst?’

Hy lûkt oan ’e skouders. In prachtfrou, mar fan har dwaan is er net folslein wei. Se gestikuleart him tefolle en praat te drok.

Se suchtet wer. ‘Sa wurdt men as men gjin omfleander is. Nearzich, boargerlik, in húsmosk.’

Asjebleaf, gjin fersuchttings, tinkt Nier.

Se triuwt har tsjin him oan.

‘En wat bisto?’ flústert se.

In yllegaal dekkende hynst, tinkt Nier.

‘Ek in húsmosk,’ seit er.

Noch nimt er har net. Ynienen triuwt se him fan har ôf. Se sjit oerein en rint achterút. Tsjin de keukendoar bliuwt se stean. Se sjocht op him del, hymjend, har eagen fonkje. Hat er syn beurt fersitten?

Heech tiid foar bûtenskoalske aktiviteiten. Hy strûpt de rits sa fluch iepen, dat it in flymjend lûd makket. Hy helleet de lange slankmakker derút. Dy haldt se hypnotysk yn ‘t fizier, wylst se har de piama fan it liif strûpt. Se makket de bh los, it heakje sit foar. It lêste stikje sânkleurige hûd ûntbleatet se. It frouljusskearmeske is rynsk brûkt. Se hat de krappe begroeiïng fan de hegere breedten.

De koartste ferbining tusken twa punten is de rjochte streek. Starich komme se tichterby. Der hoecht neat ferskood te wurden, se passe goed yninoar. Dêrmei wurde se ien. Nier tilt har op, se kin it net mear

op 'e fuotten hâlde. Hy likemin. De bank is te fier, in kessen ek. Mar dat hindert neat. Se sige neist de popelmatte del en fiele it net iens. Se fiele inkeld inoar.

Nei't se kopieus kopulearre hawwe, rekket Nier yn 'e sliep. As er wekker wurdt, kidelt hier him it wang. Hy docht krekt oft er wer ynsloppet.

As er wer de eagen opslacht, sit Geertrui yn in dekorative knoop neist him. In beskieden skimerlampke brânt fan fierrens. Se glimket. Hy glimket werom. Se hellet de knoop út 'e tiis. Skonken komme foar it ljocht en strekke har.

Op bleate fuotten giet se nei de keuken. Mei swarte kofje komt se werom.

Se drinke tige ynformeel, sûnder de kofjekoppen by it ear te krijen. Dat is sa boargerlik. En it wurk is dien. Oare kear kinne se opnij begjinne.

Hy strûpt de klean oan. Geertrui sil Trubbel út 'e kast helje. Mar it dier leit sa fredich op ien ear, dat se it mar gewurde lit. Se makket net folle wurk fan har oanklaaiïng. Yn minimale kostumoantsjutting bringt se him nei de doar.

'Gelokkich dat Deeltje der net is,' seit se noch.

'Silst my wol faker sjen,' belooft er har.

'Earst belje,' warskôget se.

As er op de brink stiet, fielt er yn 'e bûse nei THE ACME THUNDERER. Hy byt op 'e tosk. It fluitsje is er kwyt. Mar wat er witte wol, hat er fûn.

Dynte rint om as in aaisiik hin. Se sjocht algeduerich op 'e klok.

'Hast in ôfspraakje?' pleaget Nier.

'Ja, mei in moaie heit,' jout se ta.

Se giet nei de keuken en seaget noch in pear stikjes bôle fan it stik

út it friesfak. As se dy ophat, toskpoetst se foar de twadde kear. Se boarstelt sa fûl, dat de wite pasta in moai readich kleurke krijt. Dêrnei strûpt se har mar wer ris om. Diskear wurdt it in ruten shirt en in túnbroek mei galgen.

‘Dat liket derop,’ seit er. ‘Wat docht er, blomker?’

‘Nee, siedder.’

‘Wêr is it foar, in skoaltún?’

‘Nee, potplanten.’

‘Komst fannacht dus net mear thús?’

‘It sil wol wer let wurde.’

‘Jonge noch ta, Dynte de nachtdraafster.’

‘Dat is better as Dynte de memmegek.’

‘Do rinst dysels foarby.’

‘Ik haw teminsten hert foar myn skoalle.’

‘Ja, en lichem.’

‘Ik wol net mear mei dy prate!’

‘Wat wolst eins noch wol?’

‘Skieding fan tafel en bêd!’

‘Och hearken, mear net?’

Se narje inoar inkeld, omt se net oars mear kinne. It heart derby. Se wurde der hyt noch kâld fan, mar it is in foarm fan kommunikaasje. Starich drippe de oeren fol. Einlings is it tweintich foar tsienen. Dynte set har fjochtpetsje op en klapt de doar achter har ticht. Nier moat it mar goed hearre.

Pikkerich ljochtmoannewaar. Wolkentsjes komme har út ’e mûle. Se rint achter har azem oan. Ynienen hâldt se en docht in pear stappen werom.

Oer de dyk leit in swarte klyster. Se kriget him op. In kâld en stiif protsje mei it flues heal oer de eagen. It achterliif is plat riden. Foarsichtich leit se de fûgel yn it gers.

Tsien foar tsienen is se by de bushalte. Se giet in eintsje fan de peal ôf stean. Even letter swaaie twa ljochtbondels om 'e bocht. Beamkefer-ruiljend springe se op har ta. De lêste bus út Beursinge. Se hat gjin tiid mear en krûp wei. De bestjoerder hat har al sjoen. Hy mindert faasje, de bus skokt stil, de doar teart iepen. Se giet op 'e tred stean en eaget de passazjiers bylâns.

'Sorry,' seit se, 'ik ferwachtsje freonen. Mar se binne net meikaam, sjoch ik.'

De busstjoerder grommelt wat. Se docht fluch in stap tebek. De doar sûcht har foar de noas ticht. De bus gnoarret, skyt in gaswolk út en rydt fuort.

Dynthe fermjirket. Se hânbûket en turftrapet. Dizze folkloristise gebaren helpe neat. De kjeld friest har yn 'e fuotten fêst, krûpt starich omheech. O, wat soe it noflik wêze om no yn in smûk hoekje mei fjouwerkante eagen nei in mislik programma op 'e tv te sjen. Mar it bliuwt tsjuster om har hinne. En se wachtet al sa lang. Ynternasjo-
naal Befrijingsfront. Hat it dan mar in aaklike dream west? Wie it in waanfoarstelling? Is se wier wat oerspand? O, wat soe se dat graach wolle!

In hân klapt har foar de mûle, knypt ta. Tagelyk omklammet in oare hân har rjochterpols, twingt de earm achter har rêch omheech. Spieren en bonkjes knappe, se slacht dûbel fan 'e pine. In waarme luchtstream pûst har yn 't ear.

'Nils Desperandum. Rin rjochtút. Earste reed links. Nei hûndert meter oer barte. Wachtsje by auto. Net omsjen.'

Hy lit har los. In soad ynstruksjes tagelyk, mar dúdlik. Se stapt troch de berm. Hurd snylgers strûpt har by de boksen lâns. De earste reed is net mear as in smel paadsje. Sadree't se dat del giet, sjit har in stik edelstiel tusken de ribben. In bekend gefoel, de loop fan in karabyn. Rint se ferkeard? Unwillekeurich bliuwt se stean.

'Trochrinne.' Se stekt de poatsjes noch net omheech. Dat hoecht diskear blykber net.

'Stilstean. Earms op 'e rêch, polzen tsjin inoar.'

Se docht it. liskâlde ringen klikke har om 'e polzen. Hânboeiens. In prip yn 'e side. Fierder mar wer. Se fottelt by in rige popelieren lâns. As lange tsjustere kearzen steane se yn it sulveren ljocht. Gjûn blêd lispet. In stille, mar gjûn hillige nacht.

De barte is smel, mar mei in leuning oan ien side. Dêr skoot se tsjinoan, sa hat se steun. Se kin de hannen net brûke om it op fuotten te hâlden. De planke golvêd ûnder har, de cakewalk op 'e merke is der neat by. Nils sit har ticht op 'e hûd. Twa lêste flugge stappen en se springt op 'e wâl. Hy botst tsjin har oan. De karabyn is wer rjochting-oanwizer.

Under oerhingjende tûken stiet in auto. It liket wol at er dêr groeid is. In tsjustere nachtplant. Sûntsjes prottelt de motor.

'Ho!' seit Nils. 'Ik sil dy blyndoekje. Gjûn panyk, alles komt ynoarder.' Sa praat in sjirurch foar de operaasje.

Gewillich lit se har in doek foar de eagen bine. Krekt as yn har bernetiid. Ear't it spultsje begûn, waard de blineman yn 't rûn draaid. As er stie te swaaien op 'e skonken, mocht er sykje.

Mar sa giet it no net. Dit is gjûn berneboarterij, dit is bloedige earnst. De karabyn triuwt har yn 'e auto. Se falt op 'e achterbank. Dat fielt se, want de sitting bestiet út ien stik.

'Jou dy del,' befellet Nils.

In portier wurdt tichtdien. In oaren ien kreaket iepen.

De auto skoddet as er ynstapt. Mei-iens giert de motor it út. It portier klapt richt. De wein hobbelt oer bulten.

Dynte fearret net bot mei, se botst op-en-del. Dan dindert se net mear, de motor brommet regelmjittich. Se binne no grif op in betondyk. It tikket allinnich as se oer de foech tusken twa platen ride.

Se hat no twa sintugen minder. Sjen kin se net en taaste likemin. Se rûkt oars net as de soer stjonkende bankbeklaaiïng. Se priuwt inkeld it soadbaarnen yn 'e mûle. Har gehoar moat foar fiif tagelyk wurkje. Se harket mei sân pear earen troch it doek hinne.

Praten fernimt se net. Ek gjin oare lûden, dy't op in tredde meirider wize. Soe Nils allinnich wêze? Fan 'e middei hat hy de karabynloop út har nekke nommen. In kromke minslikens liket him net frjemd te wêzen. Se hie it minder treffe kinnen. Miskien kin se him aanst noch op 'e lije side oankomme.

De auto rydt oer in drompel, begjint te skommeljen. Krekt genôch om der daliks weinsiik fan te wurden. Dan hobbetje se oer bal-stienen. Nei it wer even sûnder skokken giet, hâlde se. De motor slacht ôf.

Se ferwachtet it knierjen fan in portier, in befel fan Nils. Mar de stilte bliuwt swier hingjen. De kiel knypt har ticht en de kjeld driuwt starich alle gefoel út har wei. Dêr't it wang op 'e fuorring fan har lammy-coat rêst, sit it lêste waarme plakje. Se ferstivet fan binnen út en rûnom is nacht en swijen. Sa moat de dea oan 'e súdpoal wêze. It moaïste famke fan Antarctica.

In klakson snijt troch de stilte. Se skrillet op. In iiskâlde ril sigesaget har troch de lea. Op 'en nij klaksonearjen. Der bart fierder neat. De poalnacht sakket wer oer har hinne.

Ynienen is de auto fol beweging. De blyndoek wurdt har foar it gesicht weiroppe. Se draait nuver mei de eagen foar't se wat ûnderskide kin. In fint stiet oer har hinne, syn holle lyk foar harres. Hy hat in net ûngeunstich uterlik, regelmjittiche Noarmannetrekken, in wilskrêftich kin mei in dobbe deryn en ljochte stielblauwe eagen.

'Nils, do?' freget se mei har heaste seksy stim.

'Wa oars,' seit er koart.

Hy praat net sa wis as earst. It lûd is heger, hast in bytsje benaud. Miskien kin se toch mei eigen spot op bêd. Yn suver alle situaasjes is se ûnwjersteanber.

‘Kom by my te lizzen,’ swietmûlket se. ‘Doch dy oan my te gast.’ Hy jout gjin bod. Unstjoer fersloppet him, mar hy hat oare plannen. Hy stekt de loop fan syn karabyn djip yn har middelruft. ‘Rinne!’

Se knoffelt fan de bank. Se ferstapt har en falt op ’e knibbels. Hy jout har in traap. Se dûkelt foardel út ’e wein. Hy skuort har by de kraach omheech. Dwylsin skimert him yn ’e eagen. Dat jaget, mear noch as de traap, de skrik by har deryn. Ien misse set en de stoppen slaan troch. Bangens jout har nije krêft. Stroffeljend set se op in hûs ta. It stiet op in iepen plak tusken heech en ticht beamte. In hulterich en bulterich klinkertpaad giet rjocht nei de smelle gevel en splitst dan by de sydmuorren lans, dy’t útinoar rinne. It hûs is achteroan folle breder. Oan de foarkant glinsterje trije metalen rollûken yn it moanneljocht. Neist it ûnderste, it grutste, in mei planken tichtspikere doar. Foar de boppeste twa, op ’e earste ferdjipping, in houten balkon. De spilen dêrfan hingje as brike tosken yn in ferrotte gebyt. De rollûken yn de sydgevels binne ek ticht. Oan ’e linkerkant is noch in doar. Dêr pripket de karabyn har hinne. In slûch skynsel filtert troch in finsterke fan izergaas. Dynte stiet stil.

‘Iepenmeitsje,’ byt Nils har ta.

‘Ik kin net,’ flústert se helpleas.

Hy pjukket tusken har polzen. In skerpe blik en de hânboeiens falle ôf. Noch fielt it oft se fierste krappe earmbannen om hat. Dat pimpert alderheislik. Se kriget gjin tiid om derby stil te stean. Hy triuwt de karabyn suver troch har hinne. Mei hannen as stikel-bargen tilt se de klink omheech en lûkt de doar nei har ta.

Yn de gong dêrachter hinget in lampe sûnder kap. Dy slingert in

bytsje, as in opknope man oan in galge. It ljocht skynt oer fermôge flierplakken en giele fochtplakken op 'e muorren. Healwei de gong is in trep. It gat dêrboppe gappet wider as de poarte fan de hel.

Nils syn azem fluitet har yn 'e earen. 'Fierder.'

Se bjisket de gong yn. Foar de ûnderste treed bliuwt se stean. Noait hat in turnster yn slow-motion de foet stariger optilt en op de evenwichtsbalke delset. De trep kreunt fan ûnder oant boppen.

It rocheljen fan de dea. Mar dy lit him net sjen. De treden tellend strampelt se by de trep op, oan Nils syn wapen speetst.

Op 'e oerloop stiet in doar op in kier. In smelle streek ljocht falt oer de flier. Dêryn skrept in spin him om fuort. In kûgelliif mei stelt-poaten. In heawein, dêr't se oars noait sa'n ôfgriis fan hat. No slokt se de wearze wei. Nei fjouwer stappen heart se in o sa sunich klokken. Se stiet stil. De karabyn poarret har oan. Even kin se harsels net ynhâlde. Fûl trapet se de doar fierder iepen. Troch de bats kriget se harsels wer yn 'e macht.

Yn it fertrek fjouwer stuollen, ien oer de flier, om in formika tafel mei opsette poaten fan in hart. Op it blêd twa lege kop-en-pantsjes, it leppeltsje deryn. Tsjin de muorre in ferljocht akwarium fol griene smoargens. Yn it troebele wetter driuwt in goudfisk mei de wite bûk nei boppen. In oarenien draait rjochttop starich yn 't rûn. Hy bekket der tsjinoan. Hy brobbelt oan 'e oerflakte en sakket dan wer nei de boaiem. Syn klokken is it ienichste libbensteken.

Nils syn hân sjit by har lâns en knipt it souderljocht oan. Se strûpt foar it fjoerwapen wei. Hy stapte fluch om har hinne. De stive wiisfinger fan de karabynloop leit er har op it hert. Dwylsinnigens tefret him. De eagen pûlje him út en stekke fjurrich, it wyt is bluodderich. De mûle stiet him iepen. Hy hat grutte giele tosken. Goare kobbels biggelje him oer de wangen. Syn gesicht is ûnhuerich ferlutsen. Se bliuwt him lang nei de eagen sjen. Sa betwingt er de temmer syn

moardsuchtichtste beest. Mar it slagget har net.

‘Beetpakke,’ sist er.

‘Wat?’ bringt se út.

Hy knikt oerside. ‘Dat kopke.’

Wylt se inoar nei de eagen sjogge, kriget se it kopke. It is sa kleverich fan kofjegrom, dat it pantsje bliuwt deroan plakken.

‘Oerjaan,’ kommandearret er.

Se rjochtet de earm, mar hy nimt it net oan. Hy lit har yn dy hâlding stean. Se doar de earm net werom te lûken.

Hy leit syn hoed omkeard op ‘e tafel. De switbân glinstert fan it focht en syn lang hier ek. De hoed hat him in wite ribbelrâne yn ‘e foarholle knypt. Mei de pinke skoddet er him brún smoar út in ear en faget dat oan ‘e broek ôf.

De earm wurdt har lam. It leppeltsje begjint te ratteljen. It reauke ûntslûpt har hast, se kin it net mear rjocht hâlde. Dan lit se it pantsje los. It bliuwt noch even skean ûnder it kopke hingjen en klettert oer de flier.

Hy skokt, syn holle sjit omheech. Mei beide hannen omklammet er de karabyn. Hy wankelt en begjint te flybjen. Hy is troch alles hinne.

‘Dyn wurk, hen?’ raast er. ‘Dyn wurk! Wêr binne myn maten?’

Se kin gjin wurd mear útbringe. Hy is ôfgrysluk om te sjen. De bluoederige eagen rôlje, de mûle kweazet grien slym, it hinget him yn snoeren tusken de lippen, de franje dript fan de útstutsen tonge. Hy docht in stap nei foaren en rachelt har yn ‘t gesicht. ‘Ferriedster.’

Hy stapt tebek en skuort de karabyn tsjin it liif oan. Dynte har gjalp giet ferlern yn in koarte droege knal. Hy sjit twa kear. Se sjocht it fjoer noch út de loop spuitsjen. It byld spat útinoar, in jiskerein snijt op har del. Kleuren ferskierkje, kontoeren wurde wei. Untploffings. Alles is wyt om har hinne.

Dizenige tekens wurdt se gewaar. Se stelt de eagen derop yn. De kontrasten wurde skerper, se kin al dúdlik ferskillende foarmen ûnder-skiede. Even letter sjocht se swart-wyt. No kin se alle goed ûnder-skiede. Achter har eagen ferskoot in filter. Dan sjocht se ek kleuren. Dy binne frijwat ûnnatuerlik, mar dat kin bysteld wurde.

It lûd wurket lykwols net. Se leit op 'e rêch yn de stilte fan in stomme film. En se moat it allinnich dwaan, mar dat fynt se net slim.

Se lûkt de earmtakken op en komt heal oerein. Mei-iens flymje har kervings troch it liif. De pine komt foaral krekt ûnder de nâle wei. De lammycoat sitte twa skroeiaplakjes yn, ek twa gatsjes yn 'e túnbroek. Se rôlet it shirt op en sjocht op eigen lichaa mlík midden del. Twa reade bultsjes, stienhurd. Middenyn in gatsje, in fulkaankraterke. Stjurre bloed as lava dêr omhinne. Soks hat se earder sjoen. Mar net by harsels.

Der giet har in ljocht op. It INTERNASJONALE BEFRIJINGS-FRONT brûkt ferdôvjende middels. Dêrmei hat it Nier bûten westen sketten, doe't se noch yn Ald-Appelskea wennen. Doe binne har foto's en memo stellen. Sels is se, sûnder dat se de oerfallers sjoen hat, yn Vollarum weimakke. Doe waard de foto-kopy diefd. It hie beestiger kind, mar noflik is oars. Se sil har mar katoen hâlde, salang't se har persoanlike dokuminten net werom hat. Dêr hinget har lot fan ôf.

Se komt oerein op ien knibbel en it duorret in kertier foar't se goed en wol stiet. Trouwens, se hat de tiid oan harsels. Se woarteltrapet as in wintersporter, dy't in moanne lang mei beide skonken yn it gips lein hat. Op har omgong troch it fertrek komt se by it akwa-rium lâns. Beide fisken driuwe mei de bûk nei boppen. Dy iene hat it der net ôfrêden. Sy hat gelokkiger west.

Starichoan kriget se it bestjoer oer de lea werom. Mar de fuotten pimperje, de sliepen bûnzje, de earen sûzje en de mage jokket har. Se

noasket it hele hûs troch. Alle oare fertrekken binne folslein leech, sûnder meubilêr. Har swartboekje mei de foto's fynt se net. Dat soe ek boppe ferwachting wêze.

Se stapt bûtendoarren. Winterwûnderlân. Poeiersnie is sunich mar egaal oer paad en beammen struid. In akster wipt de lange sturt, foar't er de flecht nei in hegere tûke set. In reachfine waaier wisket del. Dynte is de earste dy't har printen yn 'e snie set. Suver skande, fynt se sels. Se komt by in brede dyk. Oan de oare kant steane skiep as sûkerbeestjes yn it lân.

In kolossale frachtauto mei oanhingwein is op in sydstripe parkearre. Se bonkelt derhinne. INTERCONTINENTAAL WEGTRANSPORT lêst se op de achterklap. En dêrûnder in wyt buordsje mei reade râne. LENGTE 26 METER. Se rint by it gefaarte lâns. Se giet op 'e treed fan de kabine stean en sjocht troch it rût.

De sjauffeur knikt har freonlik ta. Hy hat har al yn 'e spiegel sjoen. Se jout in gjalpke fan ferrassing. No hat er in donkerblau stúsjekoarden pak oan. En syn eagen binne twa films wurger. Mar hy is in âlde goekunde. Se wit syn namme net iens en hy harres net. Dat let neat. Sokke sechtigers binne it sâlt fan 'e ierde. Hjir gappet gjin generaasjekleau.

Hy docht de doar iepen. 'Hoe is 't mei dy, fanke?'

'Goed, en mei jo?'

'Bêst. Meiride?'

'Graach!'

'Wêrhinne?'

'Vollarum.'

'Wêr leit dat?'

'By Beursinge.'

'En wêr leit dat?'

‘Tusken Assen, Meppel, Hoogeveen en Emmen.’

‘Stap mar yn, fanke!’

‘Wêr binne wy hjir?’

‘Yn ’e kop fan Oerisel.’

Se skrousket as se njonken him sit.

‘Kâld?’

‘In bytsje.’

Hy jout har in reistekken út it rak achter him. Dêr krûpt se lekker ûnder. De motor slacht oan. It bromjen wurdt starichoan heger en giet yn minderjen oer. Fiif minuten moat er proefdraaie, it liket wol in fleanmasine. Se taksye de parkearstripe ôf, ride de startbaan op en sette gong. Mar de tsjillen komme net los fan ’e dyk. De frachtwein rydt stevich troch.

Underweis lit er har kykjes sjen. Fan frou, bern en bernsbarn. Se kriget ek in pear krintepofkes. As se yn Vollarum binne, troppet se de lêste byt yn ’e mûle. Se fûsket ôf. Hy hat in fertroulike wreed-fellige hân.

‘Goeie reis,’ winkske se. ‘Wêr’t jo ek wei komme of hinne gean en wa’t jo ek binne, ik hoopje dat wy inoar wer ris moetsje sille. En dat ik dan wer meiride mei.’

‘Altyd, fanke,’ glimket de man.

Se klapte de doar ticht. Se stoarret de frachtauto nei oant er yn ’e moarnsdize fertart. De bannen spatterje. It teit, de snie wurdt skier.

Yn ’e hûs draait se de ferwaarming omheech. Se nimt in kloppe aai mei konjak, en dan noch ien. Twa oeren letter fielt se har in stik better.

Nier stommelt by de trep del en komt dûzich de keamer yn. Hy klaut him oer it liif.

‘Hoe wie de siedder?’ gappet er.

'Hy hat my twa kear rekke,' andert se.

De telefoan rinkelt. Mei in holleknikje en in sierlik noegjend hantsje jout se him it rjocht fan sprekken. Hy pongelt nei de gong. Even letter pongelt er in krom minder sleau werom.

'Wy krije fan 'e middei in prater,' fernijt er har.

'Wa?'

'Sylfide, de dochter fan Jacoby.'

'O...' Se falt even stil, se moat dit ûnferwachte besyk earst ferwurkje.

'Kinst har mei-iens it fluitsje jaan,' seit se.

'Dat haw ik ferlern,' liicht er.

'Ferlern?!'

'Ja.'

'En de zim?!'

'Dy net, fansels. Ik haw in oar knikkertsje yn 't fluitsje dien.'

'Bist hast sa stom ast der út sjochst.'

Dy lit Nier oer de holle fleane. De dei is noch lang. Hy sil mar in frisse noas helje.

Dynte is bliid mei harsels. Eins soe se no útrêste moatte, mar se is helendal net wurch. De reaksje sil noch wol komme, tink. Moar-nier as se foar de klas stiet. No jokje de hannen har om oan 'e slach. Se sil de skoaladministraasje

ris op oarder bringe. De hele brot leit trochinoar op it skriuwburo.

Se kin dy ferfûlde papierboel noait netsjes teplak hâlde. Oer fjirtjin dagen moat se alles wer oprêde.

De fluittsjettel giet heftich oan. Hy blaast him útinoar en pûst de keuken fol stoom.

'Wachtsje even, ik kom deroan!' ropt se troch de iepen doar.

De tsjettel hâldt op mei fluitsjen en prottelt binnenmûls wat foar him út.

Bestelbon fan it RIB, koadenûmer 6952378, yn trijefâld. Opjefte

fan it learlingebestân op 16 jannewaris, 16 maaie en 16 septimber. Moat nei de Rijksinspectie stjoerd wurde. Opjefte fan alle personeel, ek de skoalskjinmakster. Ien kear per jier, yn oktober. Oanfraach om ferlof. Yn duplo ynstjoere. Opjefte fan de skoalbefolking op 16 jannewaris, 16 maaie en 16 septimber. Moat nei it gemeentehûs yn Beursinge stjoerd wurde. Oproppingskaarten, bewizen fan talitting en mutaasjeopjeften-learplicht. Kaarten fan de G.G.D., ôfdieling Schoolartsendienst. Opjefte fan tydlik personeel, elke moanne, ek as der gjin ynfallen is. Meidieling ferbean skoalfersom, model LE2 en LEÛ1971. Oanmeldingsformulieren ûngelok of sykte. Nei de fersekering. Oanfraach foar in skoalreiske. Yn trije-fâld stjoere nei B en W. Utnoegings, wurklisten en programma's fan âlderjûnen. Yn it argyf. Ferslaggen fan kommisjegearkomsten. Molkkaarten, advertinsjes foar de skoalkrante, koarte omskriuwingen fan N.O.F.-films. Yn de multymap. Skoalfûns, ynbar foar âlde kranten, apart yn it jildkistje. Se wurdt der simpel fan. Earst mar in kop swarte ynstant-kofje. Se giet nei de keuken ta. Mei-iens set de tsjettel it wer op in fluitsjen. 'Ja, ja, ik bin der al,' stelt se him gerêst. Se draait it gas út. De tsjettel sjongt in toan leger, sakket dan trije oktaven en hâldt him stil. Hy hat net in soad wetter mear oer. Se kriget de kop amper healfol.

Haachlik sloarpjend sjocht se troch it rût. Nier is yn de tûn dwaande. Hy hat oan it tegellizzen west. Dêrby binne mear tegels sneuvele, as dat der no yn it paad lizze. It pún moat fuort. Sinken jiskefetten binne der net mear. Hy hat it wer tige te krijen mei de plastic jiskesekken fan de gemeente. Dy moatte om it pún, oars nimme se it net mei. Se skuorre al as hy der nei wiist. It binne wrachtich wier rotsekken. Dynte giet werom nei har eigen besonjes. Se sit krekt, as de bel klingelt. Se komt oerein en docht iepen. Gjinn klant foar har. Se giet nei it achterhûs en ropt: 'Ien foar dy oan 'e doar!'

Wylst er by har lâns nei foaren stapt, seit se: 'De mem fan Deeltje.
Wer oanpassingsswierichheden?'

'Nee, kommunikaasje-urnissen,' andert er.

Op 'e stoepe wachtet Geertrui Hooiopper. Har proflearing is noch
altyd út 'e keunst. Mar de mûle stiet strak en de eagen binne ûnder-
kuolle.

'Kenst my noch?'

'Komst myn fluitsje werombringen?' freget er plan-út.

'It is dyn fluitsje net,' seit se sûntsjes mar wis.

'Dinent ek net.'

'Ik wol dit útprate.'

Se sjocht him strak yn 'e eagen.

'Ik ek, kom fierder.'

'Kin it by my?'

'Noch better.'

'Wannear?'

'No fuortendaliks.'

Hy hallet syn túnklompen by de achterdoar wei en set mei Geertrui
ôf. Fiif minuten letter knibbelje se oerinoar oan de glêzen tafel.

Trubbel fljocht him net mear oan. Hy is blykber al bern oan hûs.

'Begjin do mar,' knikt Nier.

Se rjochtet de rêch en spant de gouden bollen yn har bloeske.

'Dat fluitsje wie fan Jacoby,' taast se it hangizer oan.

'Do kinst it witte, do hast by him tsjinne.'

'Gjin skimpskoaten no.'

Hy hâldt him de snút net.

'Wêrom hat dat fluitsje sa'n wearde foar dy?' freget er. 'In swiet
oantinken?'

'Jacoby hat it oan my jûn.'

'Netwier. It siet oan in toutsje tusken in foarlêsboek. Dat haw ik fûn.'

In leagen foar eigen bêstens. Miskien moat er noch mear stalle.
Hy sil him net yn 'e kaart sjen litte. Geertrui docht in taast nei in
pakje sigaretten. Se klaut der ien út, sûget dy yn 'e brân en dikert
troch de reek.

'Wat foarlêsbboek wie dat?'

'Afke's Tiental.'

Wer in leugen. As it heal kin, moat er Hermien Kaaskanker der bûten
hâlde. It rikket hjir al behoarlik. Geertrui triuwt de sigaret
op it jiskebakje út. Dy bliuwt yn in nuvere kronkel oerein stean.

'Lit my dat boek ris sjen,' seit se.

'Jou my it fluitsje wer,' seit Nier.

'Wat dochsto dermei? Brûke?'

'Oan Sylfide, syn dochter, jaan. Dy hat der rjocht op.'

Dat falt by har net goed. Gâns minder as de split dy't om har
boppeskonk falt.

'Der siet in stientsje fan my yn!' byt se him yn 't gesicht.

'Soa,' seit Nier. 'Do lychst oft it drukt stiet.'

Dat helpt. Ynienen raffelt se alles ôf. In spraakwetterfal kletst oer him
hinne. Hy kin it amper sittende hâlde.

'Heit hat it stientsje fûn, op 'e heide. Foar in luzige hûndert gûne hat
Jacoby it fan him ôftroggele. Foar syn stiennesamling, sabeare. Heit
wist de wearde net, mar hy wol. Dat it net te beteljen wie. Dat der
mar ien sa'nent op 'e hele wrâld wie. Dêr kamen wy letter achter. Jaco-
by hat heit oplichte. Mar hy makke it stientsje net oan jild. Ik woe net
mear by him tsjinje. In jier letter bin ik troud. Deeltje kaam en ik hie
oare soargen. Myn man rekke wei. Ik mei heit omtopje. It friet oan
him fan dat stientsje. Doe is de bank dy't it bewarre oerfallen. Der is
inkeld jild stellen. Mar de bank woe it net mear yn 'e klûs en ferseke-
erje. Jacoby burch it yn syn hûs op. Om heit bin ik wer faam by him
wurden. Ik soe witte, wêr't it stientsje wie. Ik haw stikem alles ôfsocht,

mar ik koe 't net fine. Op in dei trappearre ik him, sûnder dat er my seach. Hy hie it yn 'e hannen en struts der klaai omhinne. Doe die er it yn in gymnastykfluitsje en soldearre dat ticht. Fan Deeltje fernaam ik, dat er it fluitsje yn it laad fan 'e tafel foar de klas lein hie. De nachts hat heit ynbrutsen. Hy koe it net fine. Sylfide snapte him derby. Hy hat har delsein. Deselde nachts binne Jacoby en syn frou deastutsen. Heit hat him katoen holden, de plysje hat him noait heard. Sûnt is er tige op himsels en nuver, fier fan 'e wrâld.'

Se lûkt in skokkende sucht. Der giet in soad yn Nier om, hy is der stil fan. Mar as se wer wat sizze sil, is er har foar.

'Ik wit, wêrom't dyn heit it fluitsje net fine koe. As it foarlêsboek yn it rakje op myn tafel stiet, is der romte ûnder. Dêr hat it oan in toutsje tusken de siden fan it boek hingje.'

Dêr reagearret se net op. Har wetterfal is in streamende beek wurden.

'Ik wist net datsto it hiest. Mar ik lei der tafallich boppe-op. It die my sear. Ik fiede it yn dyn bûse. Doesto fuort wiest, haw ik it iepen makke. Der sit in rubberen baltsje yn. Ien hat it stientsje derút helle.'

'Miskien Jacoby sels. Of syn moardner,' hâldt Nier him konfûs.

'Of syn dochter,' follet Geertrui fûleindich oan.

'Is dyn heit hjirfan op 'e hichte?'

Se komt oerein en lûkt in swiere sike, de gouden ballen tille mei.

Se skuort yn in tas om en smyt him it fluitsje suver yn 't gesicht.

It is slim skansearre. It mûlstik stiet bryk, de nok hinget der heal by en de slútring is brutsen.

'Wat moat ik dêr no noch mei?' freget er.

'Oan Sylfide jaan!' byt se him ta.

'Dy komt fan 'e middei by ús.'

'Om it op te heljen!' De stim slacht har hast oer.

'Se hat belle. Se wol har bertehûs weromsjen, ûnder begelieding fan in hulpferliener. Dat sil net sa plezierich wêze, mar se hat der om

frege. Fan it fluitsje wit se noch neat.'

Geertrui har eagen wjerlochtsje. In stienhurde trek is har om 'e mûle beitele. Boppedat, Deeltje komt krekt achterom it hûs yn. Nier lichtet mar gau de hakken.

By de foardoar stelt er har noch ien fraach. 'Wêr wennet dyn heit dan?'

Se hâldt de toskten opinoar, mar jout toch antwurd.

'Op 'e Bergluiner heide.'

As er oer de brink rint, blaast er op it fluitsje. It ding docht it fergemy ek noch. Alderwets Ingels fabrikaat, net stikken te krijen.

De middeis wachtsje Dynte en hy omdoch op Sylfide.

'Ik sit der in bytsje oer yn,' seit se.

'Lit ús der no dan wurk fan meitsje.'

'Earst krystfakânsje. Hast net frege wêr't se wie?'

'Net oan tocht.'

'Bist noch stommer ast derút sjochst.'

'Goed, ik meitsje de hannen net smoarch mear.'

Hy hellet de zim út it geheime berchplakje, jout har it stientsje en fertelt alles wat Geertrui him te witten dien hat.

De oare deis barst de bom. In rige foto's op de foarpagina fan de moarnskranke. Op de earste minister Van Pompom. Op de twadde in kopy fan in brief. Op de middelste de Wetterpoarte fan Snits. Op de fjirde Dynte bleat fan foaren. Dêrneist Dynte bleat fan op 'e side. In fette kop yn knapen fan letters. Dêrûnder it ferhaal, summier mar breed oer de kolommen útmetten.

DUBBELSCHANDAAL

Züne Excellentie de Minister van Ambulante Zaken, Henk-Jan-Willem van Pompom, heeft zich schuldig gemaakt aan omkoping van mejuffrouw Dynte Planteit, hoofd van de Openbare Lagere Tweemansschool te Vollarum in Drente. Hij gaf deze ex-call-girl een speelwerklokaal in ruil voor een nachtelijk samenzijn in de historische waterpoort te Sneek. Het Internationale Bevrüdingsfront had daar af luisterapparatuur aangebracht. De geluidsband levert met de persoonlijke schrinelijke toewijzing voldoende bewijs van de kwalijke praktijken van de minister. Van Pompom, lijsttrekker van de Fragmentariërs, bekleedt een sleutelpositie in het huidige kabinet. Nederland heeft het Profumo- en Watergate-schandaal in één klap.

‘Ik gean fuort,’ seit Dynte. ‘As ik om fjouwer oere net werom bin, moastst de plysje roppe.’

‘Mei ‘k mei?’ freget Nier happich.

‘Do bliuwst hjir!’

‘De grûn wurdt my ek te gleon ûnder de fuotten.’

‘Skytsek! Do moastst de skoalle lieding jaan.’

‘Dat mei net heal.’

‘Wêrom net?’

‘Ik mei gjin waarnimmend haad wêze, want ik haw it foech net iens.’

‘Ik jou dy alle folmachten.’

‘Goed, dan stjoer ik de bern aanst daliks nei hûs.’

‘Dat mei helendal net! Do nimst hjoed myn klassen derby.’

Hy suchtet. ‘Wat wolst eins?’

‘Dat is myn saak.’

Se is de doar al út en kriget har fyts mei sûnensseal.

It is noch stil op ’e dyk. Se mjit de beboude kom fan de doarpen. Oer tarrediken en ûnbepune wegen rydt se nei de Bergluiner heide. Dêr stiet mar ien húske op. Se set de fyts tsjin in beam.

De plaggehutte is fersutere neist in tropke sulverbjirken.

De planken foarkant hingje twa finsters tritich graden út it lead yn.

Tûfen gers en strie stekke út it dak, dêr’t stiennen foar swierring op lizze. De sydkanten bûkje út en de hoeken binne peallen tsjin te skoar set. De skoarstien is in asbestpiip mei dêrop in wynkapke.

Se mikert troch de griemige rútsjes. Se hie likegoed yn kofjegrom sjen kinnen. Mei de mouwe faget se oer it glês, mar de smoargens sit foaral oan ’e binnenkant. Se rint om ‘e klinte hinne. Oan de achterside is in doar. Dêrneist in útbou, it skythúske dat heal iepen stiet. In tontsje mei krantepapier oer de rane en oan in spiker dêrboppe.

Se draait de klink. De stuolheakken knerse en de achterdoar stint iepen. Turven binne heech loege, in steapel talhoutsjes leit der tsjinoan. In rustige pomp noasdript yn in amer. Tusken twa sketten hinget in gerdyn fan jutesekken. Se skoot it fansiden.

It muffige foarhûs hat in keamerbreed tapyt fan turfmot. De soude-ring is fan strie, dat op in netwurk fan prikken leit. In panne fan getten izer bongelt oan in ketting oer in iepen hurdste. De wyn waret troch wite skulfers jiske, mar der brânt gjin fjoer. In Drintse wente fan hûndert jier lyn.

It siichnêst hat in nearzige libbene have. Yn in wrak hok sit in knyntsje him achter de earen te klauwen. In kanarje smyt sie út it bakje troch syn kou.

Op it tafelswilk steane trije itenspannen. Ien mei weakke bak, ien mei weakkebole, ien mei weakkebrea. Se rûkt. Se kroppet fan de soere stank. Eg Hooiopper is al in skoft lyn fan hûs gien. Hoe lang duorret it noch, foar't er werom komt? Se flokt yn harsels. Se is net mei it lok oankommen. It hat in ferlerne reis west. Se draait har om en sil nei bûten. Yn de trochgong tusken de sketten stiet in man.

Nier stiet mei in min sin yn 'e skoalle. Twa lokalen, seis klassen, fiifenfjirtich bern, fierstentefolle foar ien learkrêft. Dêrby is er ek noch waarnimmend haad. De telefoan rinkelt oan ien tried wei om Dynte. Hy leit de hoarn neist de heak. De foardoarsbel krimmenearret mar troch. Hy docht de boel op slot en set de bel ôf.

Foar de skoalle lâns skoot in staasje fan sensaasjeslijen. De lju wolle in glimp fan Dynte opfange. De bern steane mear, as dat se sitte. Se swaaie nei de foarbyriders.

Hy docht de gerdinen ticht en de lampen oan. De tuskendoar hâldt er iepen. Hy ûnderwiist mei izeren hân. En hy hat argewaasje dat ûnkrekt praat dúdliker is as geef taalgebrûk. As er seit: 'Trek een lijn met je liniaal', wit elkenien wat er bedoelt, mar as er seit: 'Trek een lijn met behulp van je liniaal', sit de helte mei de earen te klapperjen. Hy is bliid as er skoftsje kin. De bern stowe bûtendoarren.

Hy slút de hûstelefoan ôf. Gjin drokte ûnder iten. Achterom glûpt er it skoalhûs yn. De gerdinen binne gelokkich noch ticht. Fan de dyk ôf kin nimmen him sjen.

Op it skriuwburo is it al wer in beierboel. Dynte hat juster noch opropmele. Mar ien ding heart net ta de skoaladministraasje. Tusken de papieren leit in karabyn.

Hy pakt it wapen beet. De loop is kâld. Hy makket it magazyn iepen. Der sit in puntich kokerke yn, dêr't reade letters op stean.

PIRIMIDRINE INSTANT NARCOTIC. De punt fan it kokerke

hat in gatsje. Hy hâldt it op 'e kop, tipt foarsichtich en heint in kûgeltsje op. Dat besjocht er by it ljocht fan de burolampe. It is net fan metaal. It raant sjendereach en yn syn palm leit in driip floei-stof. Hy rûkt deroan en faget it mei in bûsdoek ôf. Hy mikert troch de iepening fan it kokerke. Der sitte noch folle mear kûgeltsjes yn. Hoeden leit er it yn it magazyn werom en slút dat ôf.

Dan heart er stommeljen by de foardoar. Fluch leit er it wapen yn 'e grammofaanplatekast en giet nei de gong. Brekke se al yn om Dynte? It binne twa foar him. Kaak Harington en Ros Drinkwater batse oer de drompel. Hy skrillet tebek de keamer yn.

De man sjocht Dynte oan mei opspalke eagen, it stoppelige gesicht ferlutsen yn in grimas. Hy lûkt oan 'e noas, as moat er prûste. De stive wiidiepen mûle hapt yn it neat, hannen skaaie om hâldfêst. De neils skjirje oer de sketten en it heart oft in kat de klauwen skerpet. Ynienen knikt de holle bryk nei it skouder, djip út 'e kiel wei rutelje klanken.

'ó... a... û... ó... a... û...' Einlings klappt de mûle ticht en komme de wurden. 'Motz Antares,' stjit er út. Hy swaaie nei foaren ta, stompt tsjin de sketten oan, hinget dertusken, heakket in hân om de râne. 'Mee... melte... fjirtjin,' bringt er út. De holle knikt foardel, bliuwt slop hingjen. It ruteljen wurdt rûzjen. 'Deeltje...' De stim is noch mar in sucht. 'Geertrui...' Minder as in flûstering. De hân spjalt iepen, de earm sjit achter it sket wei en plat op it liif falt er Dynte foar de fuotten. Tusken de skouderblêden stekt in mes.

Foar't Nier yn 'e keamer is, krije Ros en Kaak him al by de lurven. Kaak dûkt nei de fuotten, wylst Ros it hegerop siket. Nier klappt tsjin de steande klok. Glês fersplintert, in diggel snijt him it wang iepen.

Hy skuort Kaak noch mei de keamer yn. Ros springt rûnrêgich oer syn maat hinne en jout in kopstjit. Nier sacket troch de knibbels. Ros roppet him oan it hier oerein, draait achter him en skuort mei alle geweld. Nier stiet holrêgich, it liif foarút. Kaak lit los, nimt in oanrin en stompt him poldsjip yn 'e mage. Nier stapt oer de foet, falt op hannen en knibbels.

'Wat seit Winny de Poeh no?' nokkert Ros.

'Snok, snok,' gibet Nier.

Om bar bûtse Kaak en Ros him ta tartaar. Syn gesicht fielt in spûns. As er genôch murve is, litte se him gewurde. Hy sacket oerside.

'Hoe fier is 't?'

'Sa fier, Fitz.'

'Heula, mynhear Perkara noch altyd!'

Ros en Kaak stappe fansiden. In knústich mantsje komt parmantich, hannen yn 'e side, it boarst foarút, tusken harren yn te stean.

'Goed wurk, jonges. Jim binne in oanwinst foar ús ploech.'

It mes sit oant it heft ta yn 'e rêch. Dynte lûkt it derút. In flods bloed gialpet mei. Eg Hooiopper stoarret oerside, ien earm ûnder him teard, de oare rjochtút mei de hân klauwend yn it turfmot. Stûp op stûp giet him troch de lea. De besleine tonge gliert fierder en fierder oer syn ûnderlippe.

Dynte hellet de zim út 'e bûse. Se hâldt him it stientsje eachlings foar. Hy fierket der bylâns nei in wrâld, dy't fan him weidraait. Mar dan fangt er in skimp op. Hy bemikert de zim. De eagen pûlje him út 'e gatten, ien en al pupil, sûnder iris. De mûle stiet sa strak, dat se de wangbonke troch it fel sjocht. Hy draait de hân mei de palm nei boppe. Se leit de zim deryn. As tentakels, sa slute de fingers om it stientsje. De mûle klapt him ticht, tonge tusken de tosken. De holle komt even los fan de flier, falt dan slop del. It gesicht ûntspant. Om

de lippen krôlet suver in glimk. Hy giet mei syn dream hinne. Noch ien gril en it is dien. Hy stjereaget troch it waaksen masker fan de dea.

Dynte komt oerein. Se sjocht op de âldman del. It dikke glinsterjende plak tusken de skouders rint sjendereach oer de jas út. It mes leit neist him. Har fingertaasten sitte derop. Mar dêr tinkt se no net oan. Se stiet yn trijestrîid. Nei de plysje, nei Geertrui, of nei Memelte? Foar Eg Hooiopper komme alle plysjes te let. En foar Geertrui komt dit dramatys ein altyd te betiid.

‘Motz Antares, Memelte 14,’ skriuwt se op in stikje karton.

Dat set se rjochtop tsjin de panne mei weakkebôle.

Fitz Perkara stiet mei de hannen op ’e rêch en stoarret Nier in setsje oan. In filthuodsje mei in fesantefearke stiet him achterop de plasse. Hy hat skerpe grize eagen en in pripnoas. De fettige tinne knoop fan in heal ôfstrûpte strik bongelt him op it pikeboarst. In trijefearns broek slobbert om ’e prikstokken. De speksaallen fan de gatsjeskuon binne sintimeters heech.

‘Ynlade,’ is syn einoardiel.

Ros kriget Nier by de fuotten, Kaak stekt syn kloeren ûnder de earmsholten. Sa slepe se him troch de gong nei bûten. Dêr stiet in bestelwein mei de laadromte nei it hûs ta. De doarren fan de bak binne iepen en reitsje de muorre. Fan de dyk ôf kin gjinien sjen wat der gebeurt.

Ros en Kaak sjouwe Nier yn ’e auto. Net sa hoeden as in swier-bles-searre yn in ambulanse skood wurdt. Se litte him boppe de flier gewoan los. Hy kwakt op ribbels, skroeven pjukke him yn ’e rêch. De holle is him helder en opnimstich. Miskien omdat se alle oerstallige rompslomp derút slein hawwe. De fiif sintugen wurkje treflik. Hy sjocht stjerkes, heart rûzjen, rûkt swit, priuwt bloed en fielt flymjn.

Inkeld de lichemskrêft mankearret him.

Perkara klappt de doarren ticht en giet achter it stjoer sitten.

De kijdriuwers stappe ek yn. De auto springt fuort. Nier hobbelt mei as in fakir dy't op in spikerbêd leit.

Dynte fytsst wer oer ûnbepune wegen en tarrediken. Har byldmoaie skonken glânzje en bewege as goedsmarde sûgerstangen. Se hinget mei de noas op it stjoer, de kalde wyn snijt oer har hinne. Se lûkt de klep fan it fjochtpetsje djipper oer de eagen. It hier wisket har de gloeiende wangen. En se poepertsjedraait op it platte sûnensseal. Sa'n ding is foar hurdfytsen neat wurdich. Se hie in langrûn seal hawwe moatten, dat se goed tusken de skonken halde koe. Better noch in racefyts mei tweintich fersnellings. Toch makket se in kilometeriid fan twa njoggen rûn. Dwaandewei fersloppet se. De kadans ferkrampet, de skerpe sneed giet derút. Se skoot nei foaren ta. Se soe op 'e punt fan it seal sitte wolle, mar in sûnensseal hat gjin punt. Inkeld in gleufke yn it midden. Dus giet se op 'e trapers stean. Foar even en dan wer mei it gat op dat healwize spjalte seal. Dit is lijen. Dit is moardzjen op in oanpast miljeufreonlik ferfiermiddel.

'Wat ha jim mei Hooiopper dien?' freget Perkara.

'Begroeven,' andert Ros.

'Wie er al dea, doe't jim him fûnen?'

'Kroandea,' seit Kaak.

Perkara skodhollet, hy kin der noch net oer út. 'De earste dy't ik net daliks deadlik rekke haw en my ûntslûpt is.'

'Neat tsjin de baas sizze, hear.'

'Nee, menear,' ûnthjitte Ros en Kaak him tagelyk.

'Wy moatte solidêr wêze, oars sjitte wysels it hachje derby yn.'

'Ja, menear.'

'Sa mei 'k it hearre. Bliksem, wat slingert dat fanke!'

Dynte komt by in trijesprong. Se sil al nei rjochts op it wite boerd mei de namme fan it buorskip ta. Mar yn in flits sjocht se, dat it tichtstbye hûs in ûneven nûmer hat. Se smyt it stjoer om. De bannen slippe troch de stienslach, se sliert sydlings wei. Se wrikt, de fyts spoart wer en se giselt de linkse dyk op. Nûmer tolve sjit foarby. Se trapet har út 'e liken. Se stompt it stjoer foarút foar in lange einsprint. Fierstente lang, want nûmer fjirtjin is noch net iens yn 't sicht.

'Kristensiele, dy kin net fytse! Goddomme, der foarby!'
'Ho! Ho!! Ho!!!' 'Wat?!'
'It is Dynte Planteit!'

De folchwein snijt roerdelings by har lâns. Remmen giere it út en kriezjend skoot er skean oer de dyk. Se set har op it stjoer ôf. De fyts rydt ûnder har troch en stuitet tsjin de auto. Sels bedarret se plat op 't gat yn 'e berm.

'Pak har! Toe, pak har dan!'
'Ik kin der net út! De doar hâldt!'
'Myn mes, myn mes!'
In rût wurdt iepen draaid, de pikeman stekt holle en boppeliif troch it gat. Se naait út nei in grutte beam.

'Stean bliuwe!' Perkara klammet it limmet tusken tomme en wiisfinger.

Dynte sil krekt achter de beam dûke. Perkara smyt. It fielt oft har in iispylk by de pols lâns flimet. Op itselde stuit stiet se mei de mouwe oan 'e stam fêst neile. Se kriget gjin tiid mear en skuor har los. Twa oare mannen binne al út 'e auto sprongen. As se by har binne, slaan se har sûnder omhaal yn 'e touwen. Strak fêstbûn wurdt

se neist Nier skood.

In pear hûndert meter fierder geane de doarren fan de bestelwein wer iepen. Utlade. Ros en Kaak sjouwe Dynte. Nier moat skonkje, it mes fan Perkara fielt er yn 'e nekke. Tegearre ûnderweis nei it lêste oardiel. Nûmer 14 is in âld hearespul. It spul giet achterom en dan in stienen trepke del. Se komme yn de tjustere kelder, dy't ûnder it hele hûs trochrint. Flier, steunpylders, muorren en soudering binne fan beton. Lampen brâne yn nissen achter izertried. Der hinget in wiete semintlucht. By de muorren lans rakken mei wynflessen. Genôch om in middelgrutte plattelâns gemeente yn ien kear ûnbekwaam te meitsjen. Mar sa'n protte folk is der net. Inkeld oan 'e fierste ein hokje wat minsken gear. Heech hoppe har út troanet de baas op it podium fan in pallet.

Motz Antares hat in fûchkleurich gesicht mei in sunich mûltsje en in rynske noas. Ien fan syn eagen sit staar yn. De pupil is in stjer fan bomiis. Hy hat in kanarjegiel oerhimd oan en in ljochtpears sjaaltsje by de hals yn. Twa fjoerreade hoasbannen foar mouwe-ophalders om de boppe-earms. Op it liif rêste syn mûtele hannen mei brune spikkels en stommeleintsjes fan tommen. It boppeste lid dêrfan is inkeld in goare kalkneil. Hy hat in antracytkleurige streekjesbroek oan. Ien bokse leit stiif oer in bierkratsje. Dêr stekt in klompfoet út. Lange spitse fingers krabbelje him troch it swarte krolhier.

Miz stiet neist him, knypt en ûntspant de hân as de poat fan in spinnende kat op in kessen. Se hat oars net as in reiden rokje oan en in krâns fan fûgelfearren om 'e ankels. De lange kegelfoarmige boarsten steane rjocht foarút. De dûnkere tropise eagen skoot even in sluier foar, as se by no en by dan heel starich knippert.

Tusken it gemiene folk troch wurde Dynte en Nier foar de grutte lieder brocht. Dy sjocht benijd op.

'Wat sille wy no ha? Yn ien klap it twaspan?'

‘Ja baas,’ andert Perkara. ‘Sy wie al ûnderweis hjirhinne.’

‘Moai,’ seit Antares mei basstim, ‘dan hoege wy dat net mear út him te knipen. It besparret ús in martelsêne. Hoe is ’t mei Hooi-opper beteard?’

‘Bêst, baas. Kroandea en bedobbe.’

‘Dûbeld moai.’ Hy draait de holle sydlings nei syn kribelpoes.

‘Kensto har werom, tiete?’

Miz gnoarret fan wolbehagen. ‘Mys Planteit, ja. Sy by de prrofessor wie. Dat my net mist.’

‘Hie se doe de zim by har?’

‘Prrr. Iksels bestrrrune. Sy de zim jaan en werrromnimme. Fuorrrtgean dan.’ Syntaktysk en fonologysk sit se nuver yninoar, mar har lea kinne besjen lije.

Antares lichtet de earm oan har kant. ‘Even opwine, tiete.’

Miz wynt syn polshorloazje op. As it dien is, knypt er har even yn ’t wang. Se knikt suver troch de knibbels fan loksilligens. Hy sjocht wer rjocht foar him út nei Dynte en Nier. De iisstjer fan syn staareach sit in lyts teigat yn.

‘Ik jou noait pardon, mar ik lis al ferantwurdiging ôf. Dat doch ik altyd. Wolno, ik haw de bank oerfallen dy’t Jacoby syn stien bewarre. It wie my om jild te dwaan, ik wist doe noch neat fan de zim. Dat bin ik letter troch Fitz wiiswurden. Mei it jild fan de bank die ik Jacoby in bod. Hy woe de zim net ferkeapje. Ik stelde him in ultimatum. De nachts dat it ôfrûn, skille ik him. Ik tocht dat ik himsels oan it tastel hie, mar it wie in oar. Jacoby hie fergetten de telefoan nei syn hûs oer te skeakeljen. Sadwaande hat er myn lêste warskôging net krigen. Wy binne nei syn hûs ta riden en dêr stuts Fitz him en syn frou dea. Wy ha alles oeral helle, mar koene de zim net fine. Uteinlik kamen wy Eg Hooiopper op it spoar. Hy hie de telefoan opnommen. Myn leave tiete die my troch, dat professor Heeregott de zim ûndersocht hie.

Mar earst moast ik ôfweve mei it Ynternasjonale Befrijingsfront. Dat operearre yn myn rayon. In splinterploechje mei freedsume fjoerwapens, dat oan politike sjantaazje die. Ik duldze gjin misdiedige konkurrinsje yn dizze provinsje. Dêr sitte twa fan dy frisse hearen.’ Antares lichtet de earm fan ‘t liif en wiist teatraal neist syn troan. Bindeleden stappe oan ‘e kant en meitsje it sicht oer de flier frij. Twa fjouwerkante mannen sitte fêst yn fierste krappe rûne gatten. Ut in stielen koker stekt de bulterige kop fan Kurt Isane, beide eagen tichtslein. Ut in oarenien dêrnjonken it dûkerige troanjemint fan Pol Verdromme.

Antares sprekt Dynte en Nier fierder oan. ‘De dochter fan Jacoby wie ûnderweis nei jim. Ik haw har ûnderskeppe litten. Mar ik hoech har no gelokkich net te tramtearjen om de zim. Jim binne hjir. Sylfide, kom by de baas!’

Tusken de omstanners makket har in út ‘e krêft woexen famke los. Se is noch witer as it lange tinne himd, dat har om de spjochtige lea floddert. In kladdebosk fan kastanjebrún hier hinget har oer de skouders. As in ferskrikt fûgeltsje komt se tichterby. Har krite gesicht is ien en al each. Strak sjocht se foar har út. Alles giet by har lâns as in film, dy’t se net snapt en wêr’t se foar opbliuwe moat.

‘Gean hjir mar stean,’ seit Antares. Se komt neist him op it poadium. De machtige lieder flankearre troch blank en brún. Hy is ree foar de lêste akte. De hamfraach oan Nier en Dynte tagelyk. ‘Wêr is de zim?’

Se bliuwe beide it antwurd skuldich, ek as er it noch in kear freget. ‘O, wêrom moat ik altyd geweld brûke?’ suchtet Antares. ‘It bôle-roaster!’

In ein keardel hellet in elektrysk bôle-roaster. Dat set er tusken Dynte en Nier yn. Hy wuollet in ferlingsnoer ôf en triuwt de stekker yn in stopkontakt. Dêrnei set er de klapkes fan it roaster iepen. De triedsjes

gluorkje read op.

‘Wêr is de zim?!’ werhellet Antares. Syn earder sa trage stim blaft no.

Dynte en Nier jouwe noch gjin lûd.

‘Kontakt!’

Seis pear kloeren twinge Nier en Dynte op ’e knibbels. De hollen wurde har deltreun, de polzen losknope. De honten stekke fan beide in hân yn it roaster. De klapkes falle ticht.

‘Heechste stân!’ befellet Antares. In hont draait it knopke op acht. In swarte skroeismook krinkelt omheech.

‘Wêr is de zim?’

‘By my!’ âlet Nier.

‘By my,’ pipet Dynte.

‘Stop kontakt!’ ropt Antares.

De honten lûke de oanbaarnde hannen út it roaster.

‘Wat in oandwaanlike ienriedigens,’ smeult Antares. Dan raast er:

‘Wa hat de zim?!’

‘Ik,’ sizze se tagelyk.

‘Wêr?!’

‘Trochslokt,’ seit Nier.

‘Trochslokt,’ seit Dynte.

Antares heft de earms nei de himel. ‘Dit wurdt slachtsjen. O, wêrom is de wrâld sa wreed? Fitz, wurk foar dy.’

Perkara stapt foar it front. Hy hâldt yn elke hân in lang mes. ‘Wa fan de twa?’ freget er iiskald, as giet it om in luzich tv-spueltsje.

‘Allebeide!!’ balt Andres.

Perkara giet tsjin Dynte en Nier oer stean. Hy roait op de spande nekken fan de foardel knikte hollen. Hy bûcht oer har hinne as in bollefjochter mei syn swurd, ree foar de deastek.

Sûnder oan te klopjen stowe fjirtich plysjes de kelder yn.

Oer de kelderfljer leit in grutte wetterpoel. En dêryn in see fan glêskerven. Plysjes binne drok dwaande mei biezens en dweilen.

It slachfjild is ferlitten.

Fitz Perkara hat harikiri bedreaun. De oare misdiedigers binne min ofte mear tatakele nei it sikehûs brocht. Guon kinne, nei poliklinise help, dêrwei daliks troch nei it gefang. Dynte, Nier en Sylfide sitte op 'e rane fan it poadium. Se sjogge omheech nei haadkommissaris Baf Dommekracht, dy't yn de sit fan Antares troanet. Hy hat in boarstelige bargekop mei in opsteande wiete noas en rûne reade eachjes.

'Sûnt fan 'e moarn seis oere wiene wy al yn in ferhege steat fan paratens,' seit er troch de noas. 'Mar de alarmtastân waard earst om tolve oere ôfkundige. Nils Desperandum, in lid fan it Ynternasjonale Befrijingsfront, joech himsels oan en sloech mei-iens troch. Brigadier Hellebaard, dy't foar it skoalhûs yn Vollarum op wacht stie, hat him nei it buro brocht. Dêr ha wy ús strategy útset. Alderearst de omkriten stelselmjittich útkjimd. Sa fûnen wy Eg Hooiopper en in ferwizing nei dit adres. Wy binne mei man en macht hjirhinne gien. Jim sieten der slim ta.'

'Witte jo ek wêr't myn swartboekje is?' falt Dynte him yn 't wurd. 'In memo mei nammen en adressen.'

'Dat ha wy fannacht al by in krante nadere. Mar jo krije it net werom. It befettet belêstend materiaal foar hege funksjonarissen. Dêrom sille wy it ferneatigje litte.'

'In pak fan myn hert,' suchtet se.

'Jim krije foarlopich húsarrest. Dat wol sizze, jim meie de earste fjouwerentweintich oere net bûten it terrein fan de skoalle komme, mar wol jim amt útoefenje. Dêr sille wy tafersjoch op hâlde. Wy sille ek Sylfide Jacoby te plak bringe en har fierder profesjoneel begeliede litte. Alderearst moatte jim trijen lykwols meikomme nei de Ber-

gluiner heide.’

Baf Dommekracht giet oerein. Se folgje him troch de kelder, dêr’t de skjinmakers noch omraak heisterje.

‘It smoarge wurk is altyd foar ús,’ fersuchtet de kommissaris.

‘Jim skoalmasters ha gâns better libben.’

‘It gers fan buorman liket altyd griener,’ seit Nier yn it moaiste Fryske taaleigen.

Se wurde mei in tsjinstauto nei de plaggehutte fan Eg Hooiopper brocht. Binnendoar sit Geertrui neist har heit, dy’t op in katafalk fan turven ûnder in tekken rêst. Se sjocht der no folle kalmer út as tefoaren. Mar de eagen skitterje net, ek net fan triennen, en de mûle stiet strak.

‘Ik haw om jim frege,’ seit se dof. En tsjin de oanwêzige plysjeman:

‘Lit ús even allinnich.’

Hy giet reewillich nei bûten.

En dan gebeurt der wat moais. Geertrui keart har ta Sylfide, winkt har. It famke komt nei har ta. Geertrui kriget har by de hân, draait de palm nei boppen en leit dêr wat yn. De fingers slute der oerhinne. Lang stoarret Sylfide foardel nei har tichte hân. Heel starich makket se dy iepen. In trien dript op ’e zim, dy’t fonkelt as in blomknop yn ’e moarnsdauwe.

‘It is no fan dy,’ seit Geertrui.

Sylfide sjocht op. Se sil wat sizze, mar bringt it net fierder as biten op ’e ûnderlippe.

Ek Dynte en Nier witte gjin wurden foar sa’n útsûnderlike geste te finen. Hy knikt Geertrui justjes ta. Se knikt allike koart werom.

De plysjeman banjert de stilte yn. Hy brimt mei klam. It sinjaal is dúdlik: opbrekke. Dat dogge se.

‘Kinst op ús rekkenje,’ seit Dynte tsjin Geertrui. Nier leit noch even in hân op har skouder: ‘Sterkte,’ en fielt him op itselde stuit ôfgrysg-

lik banaal. Geertrui bliuwt allinnich achter.

Twa auto's steane ree. De iene foar Dynte en Nier, de oare foar Sylfide. Achterinoar ride se oer de heide. Dan giet elk syn wegen.

In kilometers lange file krûpt troch Vollarum. Kloften autoriders wolle de lepenbiere Legere Twamansskoalle sjen. Foaral it skoalhûs. Omdat dêryn dy prachtich moaie juffer wennet, dy't alle foaroansteande tv-sjerren tebekstallet. Miskien fange se in glimp fan har op. Dynte har kyktichtens is bjusterbaarlik. Mar de komplette plysjekorpsen fan trije oanswettende gemeenten hâlde it folk op in ôfstân en rêde mei de trochstreaming fan it ferkear.

Bakjerinders fleane har út 'e naden by de auto's lans. Se bringe waarme woarstjes, kroketten en sausizebroadsjes oan 'e man. De yn-sittenden draaie de ruten del en hingje mei in hanfol jild bûtendoaren. Se roppe de bakjerinders fan tefoaren al har bestellings ta. Dy kinne alles net iens neikomme, foar't de file wer in eintsje opskoot. Gelokkich sitte Dynte en Nier yn in plysjewein mei sirene. Oars hiene se foar donker noch net yn 'e hûs west.

Dêr wachtet har in ferfelende ferrassing. Yn 'e húskeamer is de âlderkommisje yn haastsitting byinoar. Alle leden binne oanwêzich, behalven frou Maartje Spaargaren, dy't mei in shock op bêd leit. Hens Molensteen, Juk Akkermaal, Greep Balkenbrij, Biest Greppelploeg, beselskippe fan wethâlder Pil Maatsuiker en ryksynspekteur Bolk Jammerhout junior. Se binne allegear fûl kwetst, de ien sjocht noch grimmitiger as de oar. De ynspekteur fertolket de miening fan it tribunaal.

'Wylju hawwe in prinsipebeslút nommen. De skoalle hjir is al genôch oer de streek kaam. Juffer Planteit moat hjirwei. As se sels net earfol ûntslach oanfreget, sille wy it har ûnearfol ferliene moatte.'

'Liket my sk oan ta,' falt Nier him yn 'e mûle. 'Dan nim ik no fuor-

tendaliks ûnearfol ûntslach. As der ien foar de skoalle har ynset hat, dan is sy it. By nacht en by dei wie se dêrfoar yn 't spier. Mei lichem en geast tsjinne se de skoalle. Se krewearre foar in spul-wurklokaal. Se offere harsels foar dat doel op. It is der kaam en jo ha it sels iepene mei sa'n treflik taspraakje oer persoanlik inisjatyf, pryslike partisipaasje en al soks mear. Mar no't elkenien wit hoe't se it foarinoar bokst hat, no mei se opkroskje.'

'Wy wolle juffer Planteit tsjin de publike opiny beskermje.' ûnderbrekt Jammerhout him.

'Skyt, publike opiny! Dat binne jim ommers sels! Jim doare der net iens in eigen miening op nei te hâlden. As de publike opiny seit dat in skoaljuffer har net oan in minister weijaan mei, dan is dat jim betinken ek.'

'It doel hilliget net de middels,' sedepreket de ynspekteur. 'Der bes-tiet noch sokssawat as minsklike waardigens.'

'Skyt, minsklike waardigens! Jim minsklike waardigens is net grutter as in figeblêd!'

Jammerhout rjochtet him ta Dynte. 'Ik wit wol, dat men altyd mear en better wol. Mar der binne noarmen, dy't men net straffeleas oertrêdzje kin. Ek yn it ûnderwiis moat men tefreden wêze mei de beheinde middels, dy't men hat.'

'Krekt, dêrom binne jo ynspekteur wurden!' byt Nier him ta.

Jammerhout kriget in reade nekke, mar hy barst net út.'

'Mei ik teminsten noch ôfskie fan 'e bern nimme?' freget Dynte mei triennen yn 'e eagen.

'Dat kin.' andert Jammerhout. 'Moarntemoarn ha jim noch skoalle. Moarntemiddei moatte jim fuort wêze. Jou de bern mar frij, dan ha se in pear dagen earder krystfakânsje. It is it bêste, ek foar jimsels, dat jim sa gau mooglik dit plak ferlitte en ûnderdûke.'

Nier slacht mei de fûst op 'e tafel. Hy sjocht der ysaarlik út, de flibe

snjit him alle kanten op. ‘Der út!’ raast er. ‘Der út! Salang’t dit hûs noch fan ús is, set gjinien fan jim mear in poat oer de drompel. Ik slaan jim de harsens yn! Buorman hat noch wol in rige geinige dearkistjes yn foarrie. Der út! Rin nei de hel!’

Halje-tralje flechtsje de âlderkommisje, de wethâlder en de ynspeteur nei bûten ta. Nier klapt de doar ticht. Hy giet werom nei de keamer en set him oer Dynte del.

‘Wat wolsto it leafst?’ freget er kalm, wylst er har skouder streaket.

‘Smûze,’ andert se, ‘ik haw sin oan iten.’

‘Ik ek.’

Hy springt op. Gjin nearzich tostyhapke diskear. Hy tsoent in rynsk galgemiël op ’e tafel.

Potage du jour, Hors-d’oeuvre variés, Légumes de Saison, Concombre et Poireau, Hachis de Boeuf, Oreille de Cochon, Compôte de Fruits, Crêpe Suzette, Glace et Meringue.

Underwilens skoot in oanhâldende tûch auto’s foar it hûs lâns.

De lampen streekje as sykljochten achter de tichte gerdinen. De brievebus kleppert. Nier giet nei de gong. In ekstra edysje leit op it doarsmatsje. Hy jout de krante oan Dynte.

‘Besparje my de rest,’ suchtet se, as se de foarpagina mei inkeld koppen lêst.

**KABINET
WANKELT
COALITIE
BARST
REGERING
VALT**

Nei iten fandelje se har dierberste besittings byinoar. Wat boeken, de âlde skriuwmachine, in pear skilderijen, grammofaanplaten en it skaakboerd mei de stikken.

‘Sjoch,’ seit Nier, ‘wat sille wy hjirmei dwaan?’ Hy lit har de karabyn sjen. ‘Ik fûn him fan ’e moarn op it skriuwburo. Der sitte gjin kûgels yn. In ferdôvingsmiddel, kinst der ien mei bûten westen sjitte.’

‘De bij dy’t ús stutsen hat,’ komt Dynte yn ’t sin. ‘Miskien fan Nils Desperandum. Hy hat it as oantinken achterlitten, foar’t er himsels oanjoech. Sa sille wy it meinimme. Dy karabyn ha wy wol fertsjinne.’

Se lade it spul yn de ein. It oare guod moatte de ferhuzers mar yn-pakke en meibringe. Yn Ald-Appelskea wachtet it eigen riante lânhus. Dat is meubilearre en dêr is plak genôch foar har, ek no’t se ûnfer-wachts thúskomme. Al soe it grôftfol bejierre fakânsjegongers sitte. Tagelyk krije se sliep troch de lea. Se sige samar op ’e fiifsitsbank del.

De oare moarns leit de dyk der ferlitten hinne. De nachtfoarstelling is ôfrûn, de kyklustigen binne ôfset. Diskear nei it Binnenhof yn De Haach. Faaks komme se dêr oan har trekken by de úttocht fan ministers. Inkeld in pear plysjes hâlde by de skoalle in each yn ’t seil.

Dynte en Nier ite de restjes fan har galgemiël. Fan har lêste skoaldei meitsje se in feestlike binde. Se traktearje oan ien tried troch en net inkeld op appels. Sels krije se ek noch in presintsje. Yn ’e haast sûnder mei-witten fan de âlden troch de bern kocht. Foar Nier in blikje sigaren. Hy smookt net iens, dêrom krekt. Dynte kriget in grutte doaze kersebonbons. Dy komt better fan pas.

Yn it frij kertier bringt in plysje har útreispapieren, se meie Drinte ferlitte. Presiis om tolve ûre docht Nier de hele boel op slot. It bekyk fan

'e skoalle begjint wer in bytsje oan 'e gong te kommen mar de hjiiste hei is derôf. Se bringe de kaaïen nei de skoalskjinmakster, dy't de doar yn 't kier hâldt. Dan ride se oer binnenwegen nei it tichtbije westen. 'Ik sil my mar wer as ferdivedaasjefamke ferjaan,' beprakkesearret Dynte.

'Bist no in echte publike frou wurden,' betinkt Nier.

In auto rydt har achterop. As se troch de bocht geane, sjogge se dat der noch in rige folget. Unwjersteanber skoot de hele kolonne neier-oan. Nier besiket foar te bliuwen, mar in âld ein eint net. De smelle dyk jout gjin oare útwyk as in strypke berm en de sleat. Dat docht er net.

Se kinne de stikken ûngeduld achter de foarruten al ûnderskiede. Mar it is wat oars, dat by har de skrik deryn jaget. De auto's binne beplakt mei affysjes en bekladdere mei leuzen fan de Fragmintarise Partij. De fanatike oanhingers sille even har gram helje. Har minister en listoanfieder wurdt net samar troch drits en weaze helle. Dy smoarge hoer hat him ferlokke.

Ynienen riist foar Dynte en Nier noch in barrikade op. In twadde partidige kolonne rydt har temjitte. Nier trapet sa hurd op 'e rem, dat se trijehûndertsechstich graden swaaie. Dêr sjitte se neat mei op, mar se steane teminsten stil.

De kolonnes hâlde ek. De Fragmintariërs stapte út. Se stelle har op oer de folle breedte fan de dyk. Yn 'e foarste rige mannen mei helms op, skylden foar en kneppels yn 'e fûst. Dêrachter lju dy't bakken mei ferrotte aaien en tomaten tôgje. En dan de achterhoede dy't amers drek ree hâldt. It giet alles tige oarderlik om en ta.

Tagelyk marsjearje de kohorten op. Starichoan wurdt de ôfstân tusken de libbene muorren lytser. Tagelyk klinkt út alle kielen de kriichs-yell 'Lel-lel-lellebel, lel-lel-lellebel!'

Nier en Dynte sjogge it gefaar fan alle kanten tichterby kommen. Har

hollen hinne-en-werje, as binne se taskôgers by in tenniswedstriid.
 Mar se wachtsje de ein net ôf.
 Hy grypt de karabyn, har by de hân en skuort har de auto út. Se
 fleane troch in droege sleat, oer in keizelige eker nei in hurde sânbult.
 Dêr geane se boppe-op stean.
 As de Fragmintariërs dat sjogge, ferlieze se alle disipline. Brein-roer-
 ich komme se oanstoarmjen.
 ‘Lel-lel-lellebel, lel-lel-lellebel!’
 ‘Sjit se foar de raap!’ skreaut Dynte.
 Nier triuwt de karabyn tsjin it skouder. Hy lûkt oan de trekker en
 makket maaiende bewegings. Al syn argewaasjes fersjit er. It rik-
 ketikjen fan it ferdôving spuiende wapen is de moaiste muzyk. De
 Fragmintariërs falle as kegels. Elk skot jout er in bestimming mei.
 Ien foar Eg Hooiopper silger. Ien foar Fitz Perkara ûnsilger. Ien foar
 Sylfide, dy’t der hooplik gjin trauma fan oerhâlde sil. Ien foar Bolk
 Jammerhout junior, dat er mar noait gadingmakers foar de nije faka-
 tures krije sil. Ien foar Maartje Spaargaren, fan herten betterskip. Ien
 foar eks-minister HenkJan-Willem van Pompom, dy’t meikoarten
 wol kommissaris fan in miljarden-konsern wurde sil. Ien foar Geer-
 trui, de moaiste mem fan ’e wrâld. Ien foar Nils Desperandum, yn
 tankberens dat er de moedfearren hingje litten hat. Ien foar Chick
 Anus, de driftkikkert dy’t him wol hinlekker fiele sil, dat er neat mei
 dit sopsoadsje te krijen hat. Ien foar Miz
 mei de agressive boarsten, dy’t no yn ’e finzenis ferwylgje. Ien foar
 Motz Antares, dy’t wol wer in flater yn ’e rjochtsong fine sil en
 net fierder ferfolge wurdt. Ien foar Kaak Harington en Ros Drink-
 water, foar Zult Eikenbroek, Hermien Kaaskanker, Deeltje, Trub-
 bel, professor Heeregott, brigadier Hellebaard, haadkommissaris Baf
 Dommekracht, de ûnbekende boerefaam, Hens Molensteen,
 Juk Akkermaal, Greep Balkenbrij, Biest Greppelploeg, Pil Maatsuiker,

Kurt Isane en Pol Verdromme.

O, wat is it hearlik jins meiminsken sûnder gewissebeswieren foar in setsje del te maaïen! De lêste Fragmintariër falt him mei de partijflagge yn 'e hân foar de fuotten.

Dynte en Nier eagje de stille eker oer. Se strykt him mei sprate fingers troch it hier. 'Myn Nier, myn held.'

Hy leit de hannen om har holle. 'Dynte, myn leafste tsjinspylster.'

In fonk slacht oer, wurdt lôge, in fjoer. Gapsk, middenmank de ferdôve Fragmintariërs dogge se de leafde meiinoar. Foar it earst sûnt in heal jier. Se binne it noch net ferleard.

Dan stappe se op en ride fierder nei it westen. Se komme de televyzjetoer fan Smilde en de grinspeal fan Drinte/Fryslân foarby.

Se binne yn it heitelân werom.

'Lit my it lêste wurd ha,' seit Nier.

'Dat krigest net,' seit Dynte.

De sinne giet ûnder yn technicolor.

* *
 *
 *

R.R.

